

De Grifformearde Tsjerke fan Easterein

Marten L. de Boer

Ynlieding

Dit haadstik oer de Grifformearde Tsjerke fan Easterein beskriuwt de skiednis fan dy tsjerke fan it begjin fan har ûntstean yn 1888 ôf oant 1985 ta. Doe gyng de gemeente in soarte fan federatyf ferbân (S.O.W.) oan mei de Herfoarme Gemeente.

It haadstik begjint mei it neamen fan in tal oarsaken dy't ta it stiftsjen fan in eigen gemeente, neist de Herfoarme, laat hawwe. Dêrnei wurdt oan de hân fan sitaten út en it talochtsjen op tsjerkeriedsoantekens in byld jûn út de earste fyftich jier fan it 'deistige en sneinske' libben mei syn hichte- en lichtepunten.

Wy folgje de dûmnys dy't komme en gean en jouwe oan op hokfoar wize se har yn-floed op it tsjerklik libben jilde lieten.

Nijsgjirrige gegevens út de oantekens, setten wy yn in kaderke.

De âlderein sil by it lêzen sizze: "O, ja, dat is ek sa, sa wie dat doe." De jongerein kriget in idee fan de tinkwrâld dêr't de Grifformearden fan Easterein foarhinne yn libben. In byld fan de lêste fyftich jier krije wy troch it libbene getugenis dat in tal (âld)-leden fan dizze tsjerke ús yn in fraachpetear joegen.

It haadstik beslút mei it ferslach fan in fraachpetear dat wy yn 'e maitiid fan 1992 yn Zeist hâlden mei inkelde dûmnys en har froulju dy't de Eastereinder gemeente tsjinnen.

Fan Mefrou Tiemens en Mefrou Van Gaalen-Alberts krigen we in prachtich ferhaal oer har ûnderfinings út de Eastereinder tiid.


De skriuwer wol gjin teologyske beskôging jaan fan it Grifformearde tinken, mar in ferhaal skriuwe fan libbene minsken, dat mooglik troch elkenien mei nocht lêzen wurde sil.

Oarsaken foar it ûntstean fan de Grifformearde Tsjerke yn Easterein

Der binne in **seistal** oarsaken oan te wizen dy't meispile ha ta it ûntstean fan de Grifformearde Tsjerke fan Easterein. Wy sille dizze seis punten stik foar stik troch-nimme en as dat nedich is hjir en dêr taljochtsje.

1. De Evangelische Gezangen

Ds. W.A. Becking wie yn 1860 hoeder fan de Eastereinder gemeente wurden. Men wie hjir oer 't ginneraal wakker wiis mei him. Hy wie in preker dy't it folk oanspruts, dat de minsken kamen oeral wei om him te beharkjen. Sa struts in fêste ploech Wommelsers steefest elke snein del op de 'froulju's banken', links fan de preekstoel, heaks op de sydmuorre. Dy banken waarden al gau de 'Wommelser' banken neamd.



Griffomearde tsjerke fan Easterein. (Foto makke troch D. Wijnia, Harns).

Ds. Becking hie yn Grins studearre en wie foarme troch de saneamde 'Grinzer rjochting' fan û.o. de ferneamde Prof. Dr. P. Hofstede de Groot. Becking hâlde der wis gjin frijsinnige teology op nei, mar wie ek net útsprutsen ortodoks. Sa koe er bygelyks in foarstanner wêze fan it sjongen fan de nije gesangen, de saneamde 'Evangelische Gezangen'. Dy wiene troch de lanlike tsjerke ynfierd yn 1807, mei in 'Vervolgbundel' yn 1866. De ortodoksen fan Easterein dy't sympatisearren mei de ideeën fan it Frysk Reveil koene dizze gesangen lykwols net tige wurdearje. Neffens har kaam de ûnkalvinistyske tydgeast dêr te folle yn nei foaren. Mar dûmny hâlde de foet by de kûle en liet steefest yn elke tsjinst inkelde nije gesangen sjonge.

Het deurtje van de kansel open...

Tiede Ymes Vellinga hat it der oer by it fiifentweintichjierrich betinken fan de Griffimearde Tsjerke. Hy fertelt dêr, dat dûmny syn tsjerkeriedsleden yn 'e kikkert hâlde. Wa song wòl mei, wa net. As er stie te sjongen hie er út 'e preekstoel rom sicht oer it fjouwerkant. Mar siet er derby yn 'e preekstoel, dan wienen se út sicht. Dan kaam it doarke fan 'e preekstoel wol ris iepen. Ien helte fan de tsjerkerie hie er dan ûnder kontrole.

De niisneamde 'Evangelische Gezangen' leine ds. Becking nei oan it hert. Op syn stjērdei, 1 augustus 1872, kaam syn buorman-kollega ds. J.W. Hoekstra fan Itens om him by te stean yn syn lêste libbensoere. Ds. Becking tsjûge doe fan de grutte betsjutting dy't de Evangelische Gezangen yn syn libben hân hiene. Hy sei: 'Ik hâld my fêst oan Gesang 130 fers 6':

*Jezus, uw verzoenend sterven,
blijft het rustpunt van ons hart.
Als wij alles, alles derven,
Blijft uw liefd' ons bij in smart.
Och! wanneer mijn oog eens breekt,
't Angstig doodszweet van mij leekt.
Dat uw bloed mijn hoop dan wekke,
En mijn schuld voor God bedekke.'*

Mei de wurden fan dit liet op 'e lippen ferstoar de Eastereinder dûmny, hast 59 jier âld (20 july 1813 - 1 augustus 1872).

2. De Kristlike skoalle

De tsjinstellings fan lofts en rjochts yn it doarp wiene ûnder ds. Becking wol tanommen, mar dûmny hie wol safolle oerwicht dat dy earst noch net sa sear oan 't ljocht kamen.

Mar se wiene der wol. Foarst *de frijsinnige tsjerkfâden*, de boeren fan it doarp mei de measte kowerútsjes, dy't it bewâld hiene oer de besittings fan de tsjerke.

Dan wie dêr *de gemeente mei in dúdlik rjochtse sinjatuer*, benammen beynfloede troch it niisneamde Frysk Reveil. De measte gemeenteleden wiene rjochtser as har dûmny. Sy stiene oan de ein fan de sechtiger jierren der tige op oan dat ek yn Easterein, krekt allyk as yn in soad oare plakken mei in rjochtse sinjatuer, in

kristlike skoalle oprjochte waard. Neffens har wie it kristlike karakter fan de iepenbiere skoalle sa stadichoan alhielendal oantaast.

Se hiene it gelok, dat ds. Becking yn dit stik fan saken oan har kant stie en dat joech de trochslach. Op 26 jannewaris 1870 waard ta de stifting fan in kristlike skoalle besletten. It selde jier, om krekt te wêzen de 17de oktober, koe it nije skoalgebou iepene wurde.

Doe wiene der dus twa skoallen yn it doarp, in iepenbiere en in kristlike en dat makke it allegearre net noflik. It doarp splitste him op yn 'finen' en 'grouwen'. Yn sokke gefallen ferfrjemdzje de minsken fan inoar en reeket de reeëns inoar te begripen yn it neigean.

De meast rjochtsen woene har tsjinoer de frijsinnigen en ûntsjerkliken dúdlik profilearje en waarden dêrtroch noch kritysker op it mêd fan tsjerke en leauwen. It stie har bygelyks min oan dat de lanlike synoade fan de Herfoarme Tsjerke besleat om net ta restauraasje fan it bibelûnderwiis op de iepenbiere skoalle oer te gean.

Fan skriftuerlik bibelsk ûnderwiis wie neat oerbleaun.

Hoewol de kristlike skoalle fan Easterein dúdlik de sympaty hie fan de pleatselike Herfoarme tsjerkerie en gemeente, gie dit somlike gemeenteleden dochs noch net fier genôch. Der moast ek fanút de tsjerkerie in dúdlik 'nee' opklinke tsjin it synoadebelied dat it bibelsk ûnderwiis op 'e iepenbiere skoalle ôfskreaun hie. As in tsjerke prinsipieel wie, ornearren dy leden, dan keas it dochs sûnder mear foar in ûnderwiis dêr't Jezus Kristus as rêder en ferlosser sintraal yn stie. Hja woene ha, de lanlike tsjerke soe in dúdlik antwurd jaan op de ûntjowing, dy't de geast fan de ieu mei de ferdraachsumens oprôp. As dit antwurd net kaam, dan moast de pleatslike tsjerke mar brekke mei de lanlike. Mar soks barde yn Easterein net en dat stelde ferskate lju djip teloar.

3. De floreenkwestje

De frijsinnige tsjerkfâden dy't de 'evangelyske' Ds. Becking beroppen hiene, pasten, nei it ferstjerren fan Ds. Becking, op har slach. Se makken gebrûk fan har foech om in dûmny te beroppen dy't frijsinnich wie. Sa besochten se de saak nei har hân te setten. Mar de tiid lei efter har, dat se mar dwaan koene wat se woene. De 'liberale' geast fan de tiid hie ek yn it ortodokse Easterein syn wurk dien. It hie de 'gewoane man' mûniger makke en dat hie fan gefolgen dat de frijsinnige dûmny J.F.L. Muller Jz. (1874-1882) net troch de gemeente fan Easterein akseptearre waard. It rûn út op *de floreenkwestje* dy't oan de heechste ynstânsje ta te De Haach útfochten waard en troch *de gemeente* wûn waard.

De lju fan de rjochtse gemeente yn Easterein wiene út de skroeven! Durk Jacobs Dijkstra bygelyks rôp, doe't de útslach bekend waard, syn húshâlding en personiel yn 'e hûs en sei: "No sille wy earst tankje!"

4. It 'Gereformeerd Kerkelijk Congres te Amsterdam' fan 1887

H.J. Althuizius, dy't bakker wie yn 'e bakkerij fan de lettere Strikwerda's, en syn buorman, haadmaster P.B. Ornee fan de kristlike skoalle, fertsjintwurdigen de gemeente fan Easterein op it 'Kerkelijk Congres' fan 1887 yn Amsterdam.

It wie noch tsjuster doe't de beide mannen op tiisdei 4 jannewaris moarns betiid mei de boat ôfreizgen nei Snits en fierders mei de trein nei Starum. Dêr sleaten se har oan by in grutte kloft Fryske kongresgongers. Se stutsen mei de boat oer nei Inkhuzen en staptten dêr op 'e trein nei Amsterdam. It kongres duorre fan 11 oant 14 jannewaris.

Ds. J.J.A. Ploos van Amstel, in 23 jier âldere broer fan de earste Eastereinder Griffommearde dûmny, E.Th. Ploos van Amstel, hâlde op 12 jannewaris 'een aangrijpende en machtige preek'. Doe't er 'amen' sein hie, begrutte it harren om har dûmny, L. Wagenaar, om't dy noch altiten bûgd ûnder it (herfoarme) synodale juk syn wurk dwaan moast.'

It sintrale ûnderwerp op it 'Congres' wie it 'Traktaat van de Reformatie der kerken' (1883) fan Abraham Kuiper, (krekt 400 jier nei't Maarten Luther yn Eisleben berne) hoe't in gemeente dy't sympatisearre mei de Griffommearde gedachten it synodale juk fan de Herfoarme Tsjerke fan har ôf smite koe.

Dit 'Congres' hat foar it mobilisearjen fan de Dolearenden yn Fryslân en dus ek yn Easterein hiel wichtich west.

Werom yn Easterein

Ornee en Althuizius hiene op 'e weromreis hiel wat te bepraten. Beide wiene se wakker te sprekken oer wat se op it Congres heard hiene. Abraham Kuiper hie o sa'n yndruk op har makke. Dy man koe sprekke! Dat wie nochris in lieder! Dy soe de âlde tiden fan de Gouden Ieu werom bringe kinne. Ornee en Althuizius wiene it folslein mei Kuiper iens dat it dy kant út moast. Nederlân soe wer meitelle yn 'e wrâld en dêr soe Easterein sines ek ta bydrage. De beide mannen wiene der klear foar. It wie har hillige plicht en meitsje dit de Eastereinders dúdlik.

Master Ornee moast lykwols al gau ynbine, want hy wie it haad fan de kristlike skoalle en oargelist fan de tsjerke.

It wie wat in frjemde sitewaasje, mar Ornee hie as notabel it opsicht oer syn eigen wurkjouwers, de tsjerkfâden. Dy hiene it net sa stean op de ideeën fan Abraham 'de Geweldige', sa't Kuiper ek wol neamd waard.

Althuizius sette wol troch. Hy soe ien fan de foarmannen wurde fan de Dolearenden yn Easterein.

5. De doop fan lytse Fokeltsje

Oan de ein fan de Streek, dêr't hjoeddedei Willem Overal en syn frou wenje, wenen doedestiids Tiede Ymes Vellinga en syn Ybeltje Wattes Nauta. Op 19 maart 1887 waard dêr Fokeltsje berne. Troch wat se fan Althuizius en Ornee heard hiene, wie it harren ta in probleem wurden, wêr dat se it famke dope litte soene. It wie in swier stik, mar se kamen eintsjebeslút ta de konklúzje dat lytse Fokeltsje net doopt wurde koe yn Easterein. Vellinga en de frou woene net bûgd gean ûnder it ûnskriftuerlike jok fan de Herfoarme Synoade. Tiede Ymes hie syn prinsipes en hy soe de konsekwinsjes der ek fan drage. Dy liichden der lykwols net om. Tiede wist wol, as er keas foar de Doleânsje en syn famke net dope litte soe yn 'e 'gruttsjerke', dan soe er moaiwis fan it pleatske ôfmoatte, dat er fan de Herfoarme



Bern fan Yme Tiedes Vellinga en Fokeltje Vellinga-de Boer. F.l.n.r.: Folkert, Klaas Arjen, Pieter, Gerrit, Tiede, Sjoerd, Neeltje, Djoke Sietske, Sjirkje.

tsjerkfâden hierde. Mar Tiede hâlde foet by stik. In tsjerke dy't sa mei de Wierheid fan it Evangeelje omgie, koe er it net mei iens wêze. Hy hie de kwestje ek lang en breed mei bakker Althuisius bepraat. Se wiene it der oer iens, de wei dy't Kuyper wiisde, dat wie har wei. Syn beslút stie fêst. Hy en syn frou soene har lytse Fokeltje dope litte troch Ds. L. Wagenaar fan Heech. Dy wie ûndertusken mei hiel syn gemeente oergien nei de Doleânsje. De gemeente fan Heech wie har net ûnbekind, want Ybeltsje wie in Heechster boeredochter.

...Ik ben er nog niet ten volle van overtuigd dat het zo moet...

Ja, de âlderlingen fan Heech dy't it Kerkelijk Congres meimakken, hiene mei oertsjûging it boadskip fan Kuyper yn Heech oan Ds. Wagenaar en de gemeente oerbrought. Dy hie altiten wol sympatisearre mei de Griffomearde opfettings, mar hy rûn yn 't earst net foarop. Doe't de 'Friesche Gereformeerde Predikantenvereniging' op donderdag 10 febrewaris 1887 yn Ljouwert gear kaam, hie deselde Ds. Ploos van Amstel fan it 'Kerkelijk Congres', dy't doe yn Reitsum stie, meidield dat syn gemeente krekt de foarige jûn mei de Herfoarme Tsjerke brutsen hie. Ds. Wagenaar koe 'Ploos' dêr lykwols net mei lokwinskje. Hy sei: 'Ik ben er nog niet ten volle van overtuigd, dat het zo moet.'

'Hoe kunt ge deze keuze maken...'

Tiede Ymes frege yn in brief oan 'e tsjerkerie fan Easterein om it 'Bewijs van Zedelijk gedrag' dat er nedich hie foar de oanfraach fan de doop yn Heech. It fersyk dêrta waard ôfwiisd, om't der op dat stuit yn Heech gjin wettige tsjerkerie bestie. In Doleânsjegemeente, lykas dy fan Heech, wie ommers net in troch it regear offisjeel erkende gemeente. It antwurd wie: "Hoe kunt ge deze keuze maken, terwijl ge nog pas vorig jaar bij uwe openbare belijdenis trouw hebt beloofd aan de Nederlandsche Hervormde Kerk!" Dit skreau Ds. J.J. van der Weyde him as foarsitter fan de tsjerkerie fan Easterein.

Ds. Van der Weyde sil it grif hiel spitich fûn hawwe, dat Tiede Ymes ta dit beslút kommen wie. Ek al hie er it dûmny fanwegen syn krityske ynstelling foar de Herfoarme tsjerke oer, altiten lang net maklik makke. Tiede koe him yngeand fer-djipje yn de dingen fan it leauwen. Hy lies *geld en grien*.

Doe't er letter yn de Griffermearde tsjerkerie siet, frege Ds. A. Andree him geregeld: "Zeg Vellinga, weet u ook hoe dat zit?" Meastal koe dy dan beskied jaan.

'Op begeerte alhier gedoopt...'

Nettsjinsteande it brief fan de tsjerkerie gie it dopen yn Heech troch. Tiede Ymes liet him de les net lêze troch de Eastereinder tsjerkerie en sa barde it, dat hy en syn frou op sneintemoarn 24 july 1887 ier en betiid yn in glêzen wein de reis nei Heech ta makken.

Yn de doopboeken fan Heech stiet by de doopoantekening skreaun: 'Met kennisgeving aan de kerkeraad van Oosterend'. 'Deze te Oosterend woonachtig is op begeerte alhier gedoopt.'

Repressailles

It is krekt sa ôfrûn as Vellinga en syn frou al oankommen seagen. Om't se keazen foar de Doleânsjege-dachte, moasten se yn 1890 fan it pleatske ôf.

De oantekens fan de tsjerkfâdyboeken fan de Herfoarme Tsjerke út dy tiid jouwe oan: 'dat er geen verdere huur plaats kan hebben'

1. omdat T.Y. Vellinga de landen



Wijbren Johannes van Dijk (1842-1925) en Janke B. van Dijk-Bakker (1839-1930). By har oan hûs (oan de Streek nr. 11) waarden de earste byienkomsten fan de Grifformearden hâlden.

slecht onderhouden heeft met beaardrijden, behekkelen en begreppelen en wat meer tot een goede boer vereischt wordt en

2. dat hij niet meer tot de Herv. kerk behoort, maar wel degelijk een bestrijder ervan is.

Se ferhuzen nei de Hidaarderdyk yn it hûs dêr't hjoeddedei, D. Gerlofs wennet, Wynserdyk 4, en Vellinga krige wurk op it Eastereinder molkfabryk.

Swarte Tiede

'Swarte Tiede', sa't er yn de omgong neamd waard, hat fan grutte betsjutting west foar de Grifformearde Tsjerke fan Easterein. Hy waard nei de stifting al gau diaken en skriba en letter hat er in hiel tiidrek âlderling west. Yn fakante perioades wie er faak Praeses fan de tsjerkerie.

By't fiifentweintichjierrich betinken yn 1913 skreau Tiede Ymes in historysk oersicht en lies dat doe ek foar. Men komt ûnder de yndruk fan de styl dy't de man dêrby hantearre.

Vellinga naam ek yn it politike libben, grut foarstanner fan de A.R.-partij, in foar-oansteand plak yn.

Op 28 maart 1921 ferstoar Vellinga, noch mar sechtich jier âld. Hy leit begroeven op it Eastereinder tsjerkhôf. Op syn stien stiet skreaun:

*Zijn Heiland te belijden
Voor Christus' kerk te strijden,
Daarin was zijn verblijden.
Voor Godes eer te leven,
Op elk terrein van 't leven,
Dat was zijn hoogste streven.*



*It hûs fan W. van Dijk,
De Streek nr. 11, dêr't de
Grifformearden foar 't
earst byinoarkamen foar
'leerredenen' (1887).*



De Streek om 1910 hinne.

6. Kwestje kieskolleezje

Yn it jier fan it niisneamde Gereformeerd Kerkelijke Congres 1887, ûntstie binnen de gemeente fan Easterein in kwestje oer de kieskolleezjes. Dy wiene ynsteld út in regeling fan 1867. As de gemeente mear as 200 lidmaten hie, koene dy lidmaten de tsjerkerie machtigje nije ambtsdragers te kiezen, mar se koene dat rjocht fan be-naming en beropping ek oan har sels hâlde. Dat die men troch tuskenskeakeling fan in kieskolleezje. Sa'n kolleezje bestie út leden fan de tsjerkerie en twa kear safolle 'gemachtigden' út de lidmaten fan de net-ambtsdragers. Fansels hiene allinne de manlike lidmaten stimrjocht. Yn Easterein bestie it kieskolleezje út 21 persoanen: dûmny, trije âlderlingen, trije diakens, en 14 manlike lidmaten. It ynstellen fan dit kolleezje hat oanlieding west foar in tal gemeenteleden fan Easterein om beswier yn te tsjinjen by de tsjerkerie. Se skreaune in protestbrief dy't ûndertekene waard troch S.W. Joustra en H.J. Althuisius.

De partijen waarden it net iens. Brieven oangeande dizze kwestje lieten de skriuwers, tige tsjin it sin fan de tsjerkerie, yn it tsjerkeblêd ôfprintsje.

De dolearenden giene harren eigen wegen

Yn ôfsûndering 'leerreddenen'...

Dizze ûntjowing liede der ta, dat ferskate lidmaten net langer de tsjinsten fan de Herfoarme Gemeente besochten, mar yn ôfsûndering 'leerreddenen' liezen. It is ein 1887 as dat bard.

A. Algra skriuwt yn 'De historie gaat door eigen dorp' dl II, p.262, dat se earst byinoar kamen by Wiebren van Dyk, dy't oan de Streek wenne en dêr in winkelstje hie yn it hûs dêr't hjoeddedei de famylje J. Harkema wennet, de Streek 11.

In Hilaerder dûmny yn Easterein ...

Op 18 april 1888 waard in gearkomste hâlden ûnder lieding fan Ds. J.C. Sikkellom, (neffens de oantekens), 'de gemeente in te lichten aangaande de stand van

Aan de stemhebbende lidmaten der »Hervormde Gemeente," dat is de Gereformeerde Kerk van Christus te Oosterend, die de drie formulieren van eenheid aanvaarden als ac-coord van kerkgemeenschap.

WAARDE BROEDERS!

De Kerke Christi te dezer plaatse is het onbetwistbaar eigendom van den Heere Jezus.

Hij die over den berg Sion gezalfd is door den Vader, is Koning ook over deze Kerk.

Zijn Woord moet hier gelden; menschevonden te stellen *naast* Zijn Woord is zonde; ze te achten *boven* Zijn Woord een smaden en tergen van den Zoon!

Die zonde bedrijft onze Kerk.

Christus moet klagen over haar: *Zij hebben Mij verworpen, dat Ik geen Koning over haar zal zijn.*

Eigenwillige dienst is gekomen, in plaats van gehoorzame betrachtning van de geboden des Heeren.

In plaats dat onze Gemeente haren Heere en Bruidegom aanhing met gehoorzame liefde, hebben wij het geduld, dat een andere man is ingedrongen tusschen den Bruidegom en Zijne duurgekochte Bruid.

Hierover *moet* de ijver des Heeren ontwaken. Hierdoor moeten oordeelen komen over onze Kerk.

Sommige lidmaten hebben door Gods genade het

krenkende voor den Heere in dezen diep zondigen weg gevoeld.

Zij hebben zich gewend tot den Kerkeraad en herhaaldelijk de ambtsdragers gewezen op de *ongehoorzaamheid aan Gods gebod*, die voortvloeit uit de *onderworpenheid* aan de *onschriftuurlijke reglementen*, en hen schier gesmeekt de Kerk terug te leiden in den weg van de geboden des Heeren.

Beslist hebben echter leeraar, opzieners en diakenen *geweigerd* hieraan gehoor te geven.

Door deze weigering nu hebben deze broeders *duidelijk* getoond hun ambt te hebben losgelaten, zich klemmende aan eene organisatie die opentlijk uitspreekt, de verwerping van den *Eenigen* en *Eeuwigen* Koning der Kerk Jezus Christus.

Het ambt toch hangt aan het *Woord* en in het Woord aan den Christus.

Daarom heeft na *zoo droevige weigering* van den Kerkeraad, die den Christus en zijn Woord *losliet*, om zich vast te houden aan menschen en menschelijke inzettingen *in strijd met zijn Woord*, onze Kerk *geen* ambtsdragers meer!

En waar nu de Heere wil dat over Zijne Gemeente als regeerders zullen staan in den Naam des Heeren Opzieners en Herders, om de kudde te hoeden met den staf des Woords; en daarbij dat diakenen Zijne priesterlijke barmhartigheden zullen betoonen aan zijne arme leden, — zoo roepen ondergeteekenden U op, om in den naam des Heeren, krachtens uw ambt als geloovigen opzieners en diakenen te verkiezen en wel op WOENSDAG 5 SEPT. A. S. DES AVONDS TE 8 UUR, *ten huize van S. JOUSTRA, onder Oosterend*, onder leiding van den deputaat der Classis, nadat eene Ure des Gebeds, beginnende om 7 uur, waarbij Dr. L. WAGENAAR, van HEEG hoopt voor te gaan, is gehouden.

Broeders! ken den Heere in al uwe wegen en Hij zal uwe paden recht maken.

Die Zijn Naam belijden zal voor de menschen, die zal Hij belijden voor de Engelen Gods, maar die Hem verloochenen zal, het oordeel zal niet achterblijven.

Beware U de Heere, door welke overweging ook, U te laten aftrekken van de *cisch* Zijns Woords.

Redde en reformeere Hij in genade onze schuldige gemeente.

Namens eene vergadering van ledematen
gehouden op den 29 Augustus.

OOSTEREND,
29 Aug. 1888.

S. JOUSTRA.
Y. VELLENGA.
A. SIJBRANDIJ.

Dordrecht 20 Maart 1889

De kerkenraad der Nieuwe Gemeente verklaart
en kennis geheeld met het feit, dat door
besluit van het onderaardelidement is dat ge-
meente aant. bonden van 27 jan 88 in de kerk
der Nieuwe Gemeente alhier

overgenomen dat op 27 jan 88 op 6 1/2 88, min-
der is veracht, is de kerk en kerk, dat 27
leden van der Nieuwe Kerk. Men is het kerk
geen antwoord is uitkomst.

overgenomen dat niemand de kerk en kerk, der
kerk gemeenschap, dat is om het kerk en kerk, en om het
kerk en kerk, te gebr. kerk en kerk

overgenomen dat niemand te gebr. kerk en kerk
om het kerk en kerk, kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk
kerk en kerk, om het kerk en kerk, kerk en kerk

tsjerke te Easterein keazen.
Fjirtjin man kamen dêrta by
W. van Dyk oan hûs byinoar.
Dat wiene H.J. Althuisius,
J.H. Althuisius, Y.T. Vellinga,
T.Y. Vellinga, L.G. Schaaf-
sma, C.R. Romkema, S.A. de
Vries, W. van Dyk, A.S. Wals-
weer, S.K. Tuininga, Tj.S. Jou-
stra, A.R. Sybrandi en S.W.
Joustra.

Op snein 23 septimber 1888
waard de tsjerkerie troch Ds.
L. Wagenaar fan Heech befê-
stige, deselde dy't ek lytse
Fokeltsje fan Tiede Ymes
doopt hie.

S.W. Joustra, H.J. Althuisius
waarden ta âlderling en J.H.
Althuisius, A.R. Sybrandy en
T.Y. Vellinga ta diaken
keazen. Sy neame har dan
tsjerkerie fan de 'Nederduytse
Gereformeerde Gemeente te
Oosterend'.

Geachte 'Heer' en Broeders..

De Herfoarme tsjerkerie rôp
har op ta ferantwurdig. De
oanhef fan it antwurd fan de
nije tsjerkerie dêrop wie: 'Aan
de Weleerwaarde heer J.J.
van der Weyde, predikant te
Oosterend. Geachte Heer en
Broeders.'

It is dúdlik, dat Ds. Van der
Weyde net mear as har hoe-
der en learaar erkind waard,
wylst de tsjerkeriedsleden
dochs noch mei 'broeders'
oansprutsen waarden. De Her-
foarme tsjerkerie ferklearre
nei in fierdere briefwissel oan
de fiif keazen tsjerkeriedsle-



Brouwerspôle. Pleats oan de Itenserdyk dêr't de 'Ned. Geref. Gemeente' it earst byinoar kaam.

den en de stimmers, dat se net langer mear lid wêze koene fan de Herfoarme Gemeente fan Easterein. It brief einige sa: 'Wat 't hem (de tsjerkerie skr.) kost tot deze maatregel te moeten overgaan, kan hij met genen woorden uitdrukken'. Tenslotte drukt hij de wensch uit dat de tijd spoedig weer moge aanbreken, waarop zij zich weer met hem vereenigen over de prediking des Woords in de geordende weg.'

In lytse hûndert jier letter...

Dat soe pas in lytse hûndert jier letter barre. Fan 1888 ôf oant 1985 wiene der twa gemeenten yn Easterein en waard it Wurd en de Sakraminten fan Doop en Nachtmiel op twa plakken betsjinne.

Oan de widze fan de Griffimearde Tsjerke stie in Hilaarder dûmny.

In Eastereinder dûmny yn Hilaard...


Ienris kaam der dus in Hilaarder dûmny nei Easterein ta om de skieding fan twa gemeenten te regelen. In lyts hûndert jier letter, om krekt te wêzen, yn 1985, soe in Eastereinder as dûmny, de skriuwer fan dit haadstik, yn Hilaard oan de widze stean fan de werieniging fan de twa pleatselike gemeenten om mei-inoar ûnder de betsjinning fan Wurd en Sakramint de mienskip fan de hilligen te fieren. Al in tal jierren waarden dêr mienskiplike wurdtsjinsten hâlden, mar fan doe ôf waard ek it nachtmiel te Hilaard wer mienskiplik fierd.

De tiid foardat de earste dûmny it berop nei de Eastereinder gemeente oannimt

De Brouwerspôle

Doe't Lutske Hoekstra-Bouma (1879-1968), by in bulte Eastereinders bekend as 'beppe Lutske', noch in famke wie fan njoggen jier, waard de skieding troch de Doleânsje yn Easterein in feit. Se seit dêroer yn in fraachpetear út 1966:

'Mem hie op 't fraachlearen west by de frijsinnige Ds. Muller, dy't hjir stie fan 1874 oant 1882. Moaiwis hat dat der ta bydroegen, dat se net safolle ha moast fan de rjochtse orthodoxen dy't in eigen tsjerke begjinne woene. Heit stie der wat oars foar oer. Hy keas foar de Doleânsje. Sa rûn de tsjerklike skieding dus dwers troch ús húshâlding hinne. Wy as bern giene mei heit nei de skuorre fan de pleats op 'e Brouwerspôle oan de Itenserdyk dêr't yn't earstoan Sj.W. Jouwstra de 'foargonger' wie. Hy preeklijes, gie foar yn gebed en wy songen. Der wiene twa âlderlingen. Wy sieten op planken en wylst Joustra lies, skarrelden de hintsjes om ús hinne. Mar wy laken der net om, wy moasten earbiedich wêze en stil sitte en dat diene wy ek'.



Earste nachtmiel

Op 27 jannewaris 1889 waard it earste nachtmiel betsjinne. Der giene 21 persoanen mei oan, de tsjerkerie net mei rekkene.

De tsjerkerie fan de Herfoarme Gemeente neamde it in 'onwettige handeling' en fersocht dy 21 minsken der net langer oan mei te dwaan. De oanskreaune persoanen hâlden har op 'e rûnte. Dat waard net akseptearre en alle 21 waarden útskreaun as lid fan de Herfoarme Gemeente fan Easterein.

In grut leech gat...

Tusken it brief fan de Herfoarme tsjerkerie fan 2 desimber 1889 en 29 july 1940, weryn it fersyk fan de Herfoarme tsjerkerie om oerlis, hat der suver hast gjin offisjeel kontakt tusken de beide tsjerkerieden en gemeentes west. Goed fyftich jier lang libben leauwigen dy't Kristus as har Hear seagen neist elkoar as fjemden. Slimmer noch: somliken beskôgen de oar as fjannen. Oaren woene wol oars, mar koene it net, wisten net hoe't se elkoar fine moasten.

Trije kear yn de begjintiid in fersyk...

Trije kear besocht de Grifformearde tsjerkerie om de Herfoarmen yn bepaalde saken ta gearwurkjen oer te heljen.

Wy lêze yn de oantekens fan 11 jannewaris 1895: 'Ingekomen het verslag van het idiotengesticht 's Heeren Loo met verzoek om ondersteuning'.

Besletten waard in brief te stjoeren nei de Herfoarme tsjerkerie 'om in vereeniging en meer dergelijke, onder aandacht der gemeente te brengen tot ondersteuning op te wekken. De Praeses, Ds. Andree, wordt opgedragen deze brief persoonlijk bij de Praeses van de kerkeraad der Ned. Herv. Gemeente te bezorgen'.

De volgende tsjerkeriedsgearkomste dieldes Ds. Andree mei, dat er it brief besoarge hie, en dat Ds. Van der Weyde him tasein hie, antwurd te jaan. Dat antwurd kaam lykwols net, ek nei't men noch in gearkomste langer wachte. Besletten waard doe mar 'zelfstandig voort te gaan'.

Aan Heeren
Burgemeester en Wethouders
van Haarlemrad. A.

Even met betrekking tot de
de ondergetekende Hendrik Althuisius, Mr.
L. J. Baas, die uwer belling, reus jelle
Wat kan en uwer belling, reus jelle
Staat van den dode Posten,

door zijn eurland op het landstrale proceel. An
nunt. Westland. D. 18 824, naam. de ge-
ben. school aldauw een gebou. Westland te stellen
bestemd om groenbare goederen te verformen in
eute. vopenen.

dat dit procesl binnen een afstand van 200
meter van het bestuursde kerkgebouw der
Nederlandsche Hervormden gelegen is.

dat hij over een kommissie aan 7 den 22sten van
10 September 1853 (Kant.blad nr 102) en
volgens artt. 80 en 81 der algemeene Politie
wet van 1835 door een commissie bevestigd zonder

Ik heb tekeningen met mynen oryzaan
Nathan, waarvan zij de rijkheid
nemen. Zie tot hoe ver uwe ziele
toevanden en de G. G. uwe
haren de stichting van de menschen
geboen op de G. G. uwe
G. G. uwe

W. W. Wood,
Oct. 1888

W. J. Allmaras
A. D. S. Brandt
E. V. Allenga
R. F. Fritman
H. J. Allenga

Op 5 septimber 1895 die de tsjerkerie nochris in fersyk, om mei de Herfoarme tsjerkfâden ta gearwurking te kommen ynstellings as 's Heeren Loo te stypjen. Alderling Sybrandy krige opdracht om de Herfoarme tsjerkfâdij de fraach foar te lizzen. Mar ek syn missy rûn op neat út. De oantekens fan 1 oktober 1895 skreauwe hjiroer: 'Tevens is nog meegedeeld door de scriba dat de Heeren Kerkvoogden, Notabelen en kerkeraad der Herv. Gemeente alhier afwijzend hebben beschikt, hetwelk hem mondeling door de President Kerkvoogd, (Rienk. R. Sijbrandy), is meegedeeld'. It lêste fersyk komt út de oantekens fan 24 maaie 1901:

Ingekomen is een schrijven van het Christelijk Boeren committee om een biduure te houden voor Zuid-Afrika aangaande men uit dit schrijven afleidde dat dit verzoek niet alleen tot de Geref.Kerken maar ook tot de Herv. kerk was verzonden, achte men het in dit geval wenschelijk om als geloovigen in dezelfde plaats eene gezamenlijk of gemeenschappelijke biduure te houden.

De Praeses wordt verzocht deze zaak persoonlijk met Ds. Van der Weyde op te nemen, om daarna de zaak zamen te regelen.

Ds. Andree die dat ek, mar hoewol Ds. Van der Weyde tasei it mei syn tsjerkerie te besprekken, hearden de Grifformearden der neat mear fan. De mienskiplike 'biduure' gie dus net troch.

Langstme nei it âlde nêst

Guon Grifformearden dy't sels foar de skieding keazen hiene, hiene der slim lêst fan, dat it sa rûn wie. *Balt de Vries* bygelyks, de pake en genamt fan de ferneamde oargelist fan de Eastereinder Herfoarme tsjerke fan hjoeddedei, sei, as er it hie oer



Balthazar Reinalda de Vries (1864-1950) en syn frou Lijsbeth Siphema (1865-1958)

de skieding: "Ik hoopje ienris wer myn âlde plakje op de kreake fan 'e Herfoarme tsjerke yn te nimmen." Hy soe it lykwols net mei meitsje...

Folkert Ymes Vellinga, in folle jongere broer fan Tiede Ymes, sette op in âldjiersjûn mei syn húshâlding op Easterein ta foar de âldjiersjûnpreek. Hy kaam fan Trijehuzen. Mei harren op rûnen syn Herfoarme buorlju. Ek foar de âldjiersjûnpreek.

Yme suchte: "Wat soe it no moai wêze, dat wy allegearre ien en mien nei deselde tsjerke opgean koene!"

It like der doe noch net op dat soks ea wer barre soe! Vellinga soe it ek net mear meimeitsje...

It binne sa mar twa minsken fan wa't wy witte hoe sy der oer tochten, mar it is wis, dat der folle mear wiene dy't it slim fûnen dat it sa gie. Fan beide kanten!

Naamlijst der stemgerechtigde (mans)lidmaten der Ned. Geref. Kerk te Oosterend

It earste 'notulenboek' jout efteryn in Naamlijst der stemgerechtigde (mans)lidmaten der Ned. Geref. Kerk te Oosterend. It binne de leden fan de earste jierren fan it bestean fan de gemeente. Wy neame se hjir:

- | | |
|-------------------------|---------------------------|
| 1. H.J. Althuizius | 21. J.J. Brouwer, |
| 2. J.H. Althuizius | overleden 20 Dec. 1891 |
| 3. J.A. Bouma, | 22. P.F. Vellenga |
| overleden 10 Sept. 1891 | 23. H.Y. Pieksma |
| 4. W.J. van Dijk | 24. K.J. Tuinenga |
| 5. R.J. Feitsma | 25. K.K. Kamstra |
| 6. S.W. Joustra | 26. A.W. Ypma |
| 7. T.S. Joustra | 27. H.A. Bouma |
| 8. K.C. Dijkstra | 28. W.G. Nauta |
| 9. S.M. Feitsma | overleden 23 Aug. 1891 |
| 10. H.P. Jongema | 29. A.Y. Vellenga |
| 11. Y.H. Pieksma | 30. B.W. de Roos. |
| 12. C.R. Romkema | vertrokken 12 Mei 1891 |
| 13. A.R. Sijbrandy | 31. F.J. Algera |
| 14. L.G. Schaafsma | 32. E.T. Ploos van Amstel |
| 15. S.K. Tuinenga | vertrokken 12 Aug 1892 |
| 16. T.Y. Vellinga | 33. D. Hiemstra |
| 17. Y.T. Vellinga | 34. K.Y. Vellenga |
| 18. S.A. de Vries | 35. B.R. de Vries |
| 19. G.Y. Vellinga | 36. M. Okkema |
| 20. A.G. Walsweer | |

Bakker H. Althuizius en syn soan J.H. Althuizius, dy't de bakkerij fan heit oernaam, hawwe beide as primus en secundus, jierren diel útmakke fan de Ginnerale Synoade, fanút de Partikuliere Synoade.

E.Th. Ploos van Amstel (15 septimber 1858-12 july 1923).

De earste dûmny dy't in berop oannaam nei de Eastereinder Gemeente wie Ds. E. Th. Ploos van Amstel. Nei 'hûndertenien' betankjes naam hy it berop nei Easterein yn 1891 oan. Mar in sukses waard it net.

B. van Schelven skriuwt yn 1924 yn 'Jaarboek ten dienste van de Gereformeerde kerken in Nederland', oer him, dat *Eene zenuwachtige gejaagdheid bij het uitspreken der predicatieën, welke hij zorgvuldig had voorbereid, dien arbeid niet deed uitkomen naar zijne innerlijke waardij.*

Dat is ook de oorzaak geweest dat het catechetisch onderricht niet meer werd



Ds. Eduard Theodorus Ploos van Amstel (1851-1923). Fan 1891-1892 dûmny yn Easterein.

gewaardeerd. Het kostte hem moeite om wat hij onderwees, in zulke eenen vorm te gieten, dat het zijne leerlingen boeide.'

'Ik kan het niet hebben'

Beppe Lutske Hoekstra-Bouma fertelde by in fraachpetear yn 1966 dat se by Ds. Ploos van Amstel op fraachlearen sitten hie.

De man wie alhiel mei de sitewaasje oan. Hy goaide mei de stuollen en rôp midden ûnder it fraachlearen: "Ik kan het niet hebben, dat mijn vrouw daar zondags in de kerk van het Genootschap (de Herfoarme tsjerke) zit met ons dochtertje en ik hier op de kansel sta!"

De tsjerkerie hat de bêste man nei trijefearns jier fan lijen en ellinde jild mei jûn en doe is er ôfsetten. Hy lei it ambt fan dûmny del. Ds. Ploos van Amstel koe it net oan.

Hy stie hjir fan 27 septimber 1891 oant 2 maaie 1892.

It 'Jaarboek ten dienste van de Gereformeerde kerken in Nederland' fan 1924 skriuwt oer him fierder:

"De levensgang van dezen broeder is niet gemakkelijk geweest. Hij was een zoon van de ontvanger van de gemeente Nieuwer-Amstel, een vijfentwintig (moat trijentweintich wêze, skr.) jaren jongere broer van de andere zoo wel bekende 'vader' Ploos.

Door zijne zwakke gezondheid kon hij niet ter school gaan en kreeg les van een gouvernante'.

Hy troude mei Hannah Vethake en gie foar sindingswurk nei Batavia yn itselde jier fan har trouwen, 1885. Syn frou koe dêr net bankje, dat fiif jier letter kamen se werom nei Nederlân ta. Nei in stúdzje folge yn Kampen, waard Ploos van Amstel beroppen nei de gemeente fan Easterein. Hy en syn frou kamen hjir mei in famke fan fiif jier. Yn Ynje hiene se in jonkje ferlern. Der waard in twadde dochterke yn Easterein berne.

Nei it mislearjen yn Easterein neamde er him 'rustend predikant'. Hy sette him nei wenjen yn Amsterdam, dêr't er yn grutte earmoede libje moast.

Fia de classis Boalsert kaam der yn oktober 1896 in fersyk fan him yn om finansjele stipe. De Eastereinder tsjerkerie wie lykwols fan betinken dat men gjin ferplichtings tsjinoer syn âld- dûmny hie, mar de deputaten moasten mar hannelje op de gearkomste fan de Classis nei wat har goed talike. Andree en Althuizius wurde offurdige.

De Classis beslút 'barmhartigheid jegens deze ellendige te bewijzen, maar niet uit het beginsel van recht'. De zaak moast dan fanút Easterein regele wurde. Der waard besletten om in kollekte foar him te hâlden op snein 31 jannewaris 1897. Dy smiet fl. 12,65 op.

Ds. Ploos skreau in tankbetuging en frege de tsjerkerie syn tank oer te bringen oan de gemeente, 'waartoe met meerderheid van stemmen wordt besloten'.

It bleau in probleem mei Ploos van Amstel. Alle jierren moast er biddelje om jild. De Provinsjale Synoade fan Utert frege yn in skriuwen fan july 1910 of Easterein aksje ûndernimme woe foar him om jild. Men gie der net op yn. 'Zedelijk noch finacieel binne der bannen mear mei dizze broeder', sa wie de Eastereinder tsjerkerie fan betinken. Ds. Ploos moast him dus mar rêde. De gemeente hie ommers ek al ienris ta de ponge west!

Nei't er op 8 july 1923 yn Ankeveen it Hillich Nachtmiel betsjinne en de tiisdeis noch maleise les jûn hie, waard er woansdeis net goed. De oare jûns om acht oere wie er al wei. Ds. Ploos van Amstel waard 64 jier âld.

Ek nei dit ferstjerren wurdt oant yn de tritiger jierren troch mefrou Ploos van Amstel in berop dien op de Synoade om jildlike stipe foar libbensûnderhâld. De Synoadeleden komme der mar hieltiten net út hoe't se mei dizze saak oanmoatte.

Ds. Andries Andree (13 januari 1866 - 13 januari 1934).

Op de tsjerkeriedsgearkomst fan 28 sept. 1892 waard meidielt dat der in skriuwen ynkommen wie fan 'den Heer A. André', 'dat hij de roeping naar deze gemeente heeft aangenomen'.

Hy waard befêstige troch syn skoanheit, Ds. E. Kropveld, op 4 desimber 1892.

Yn itselde jier komt ek de 'combinatie Oosterend-Hijdaard' ta stân.

Ds. Andries Andree brocht it fan boerefeint ta dûmny.

Hy seit dêr oer yn 'Mijne Bediening', Leerrede ter herdenking der 25-jarige ambtsbediening' dy't er útspruts op 2 december 1917:

'Er niet voor bestemd en er niet naar gegrepen, maar geroepen, kan en mag thans door mij beleden worden. Niet geroepen in dien zin als Paulus, toen hij nog een Saulus was en op den weg van Damascus moest opgekeerd. Met dank aan den Heere mag ik een Timotheüs zijn, aan de voeten van een godzalige Eunice onderwezen. Maar gezocht heb ik het niet, er voor bestemd was ik evenmin. Mijne bestemming was niet hoger dan de schapen van mijn vader te weiden. Of mijn ouders vanaf mijns broeders wieg of de mijne niet gebeden hebben, dat één hunner zonen in die bediening, voor hen het hoogst hier op aarde, mocht worden gesteld, durf ik niet ontkennen. Maar het was voor die nederigen van harte, wier meerdere in Godzaligheid ik in mijne bediening nog zoo weinig ontmoet heb, te hoog om één hunner zonen te prikkelen.

Ook niet door anderen er toe bewogen, noch zelf gezocht. Het was de Christus, die er mij toe riep, er bij de overleggingen van het jeudig hart op 17-jarigen leeftijd, te midden van het boerenbedrijf in mijn ziel de begeerte en den drang naar den



*Ds. Andries Andree (1866-1934); fan
1892-1904 dûmny yn Easterein*



*Mefrou Andree-Tryfosa Kropfeld
(1871-1927)*

dienst in Zijn Koninkrijk wekte. Het was de Koning der Kerk zelve, die mij drong, al was het schroomvallig, de vraag aan mijn ouders voor te leggen, om prediker van het evangelie te worden.'

Nei't er de oplieding oan de Theologische Skoalle fan Kampen folge hie, waard Easterein dus syn earste gemeente. It rûn net altyd like flot, skriuwt W. van't Sant yn 'Jaarboek ten dienste van de Gereformeerde Kerken in Nederland' oer dizze tiid. Hy neamt bygelyks de swierrichheden dy't der wiene mei it kommen ta tsjerkebou. It tsjerkegebou wie mei it hieltiten grutter wurden fan de gemeente oan de lytse kant. Bouterrein wie net maklik te finen. Mar Van't Sant skriuwt: 'God zorgde dat het in het hart van een moderne boer opkwam om bouwterrein aan de Gereformeerde kerk te verkoopen.'

Wopke Wopkes de Gavere

Hoe siet dat eins mei dy 'moderne boer'?

Lykas sein, stadichoan wie de gemeente ûnder lieding fan Ds. Andree groeid. De skuorre op 'e Brouwerspôle wie te lyts wurden. Mar in plakje te finen om in tsjerke op te bouwen, dat wie lang net maklik, want hast alle grûn fan Easterein behearde ta de Herfoarme tsjerkfâdij. Net alhiel en dat joech útkomst foar de Grifformearden. Dy kaam út in folslein ûnferwachte hoeke. De tsjerkfâden fan de Herfoarme gemeente hiene noch oare opposanten yn it doarp dan allinne de Dolearenden. Ien fan har wie Wopke Wopkes de Gavere. Hy wie ien út it skaai fan de fer-

neamde Ds. Petrus de Gavere dy't yn de achttjinde ieu (1739-1798 (!)) hoeder en learaar fan de Eastereinder Gemeente wie. Boer De Gavere hie troch de rebouje fan de floreenkwestje as tsjerkfâd it fjild romje moatten, dat der siet by him noch dúdlik âld sear. 'Stank foar tank' is it sechje. En dat paste hjir wol, want it wie algemien bekend dat syn famylje, benammen syn soan Aurelius de Gavere, boer te Easterein, yn 'e Frânske tiid in soad bestjutton hie foar it behâld fan de eigendommen fan de Eastereinder tsjerke. Mar soksoarte fan dingen wurde ridlik gau fergetten, útsein de lju dy't dêr foar striden ha. Wopke Wopkes hie dat



*Wopke Wopkes de Gravere
(1828-1926)*

noch net fergetten, want syn heit hie der gauris oer op 'e tekst west!

En doe stienen him dêr ynienen dy Grifformearden foar de noas, om him te freegjen of se har tsjerke op syn pôle bouwe mochten. Net dat er folle op hie mei dy lju, mar hy koe no dochs dy Herfoarme tsjerkfâden sjen litte, dat it mei syn macht noch net dien wie. Earder al hie er tastimming jûn ta de bou fan de iepenbiere skoalle op syn pôle, dêr koe de Grifformearde tsjerke moai neist. Wopke glimke allinne al by de gedachte: in moai spantsje sil dat wêze, in iepenbiere skoalle en in Grifformearde tsjerke neist elkoar! Dit moast altiten wêze, dat Wopke joech de ôffurdigen fan de Grifformearde tsjerkerie samar syn fîat.



Dirk de Gavere (1867-1932)

By it ferstjerren fan Wopke Wopkes de Gavere yn 1900 skreau syn soan Dirk, it neifolgjende gedicht:

*Gij gingt ons voor naar 't duister land,
O, vader, welk een kostbaar pand
gaafst gij ons allen mede.
Deugd, broederliefde, mensenmin,
Geen valse vrome godsdienstzin,
Was heel Uw leer en leven*

Dirk de Gavere

De Herfoarme tsjerkfâden besochten yn it foar te kommen dat de Grifformearden har tsjerkegebou op de Wopkepôle delsette koene.

Der gie op 23 oktober 1888 in brief út nei B.en W.:

*Den Edel Achtbaren Heeren
Burgemeester en Wethouders
der gemeente Hennaarderadeel.*

Oosterend 23 October 1888

Edel Achtbare Heeren!

De kerkeraad der Nederduitsch Hervormde gemeente te Oosterend, door U.E.A. in kennis gesteld met de aanvraag der Nederduitsch Gereformeerde Gemeente alhier tot stichting van een kerkgebouw voor laatst genoemde gemeente op het daarvoor aangewezen terrein, heeft de eer U.E.A. bij dezen te berigten, dat hij van oordeel is, dat door den korten afstand van het kerkgebouw der Hervormde Gemeente het niet anders dan hinderlijk voor beiden kan zijn, minder misschien des winters wanneer de gebouwen gesloten zijn, maar zeker bij warme luchtgesteldheid als deuren en ramen moeten geopend worden.

Om deze reden, die het eenigste bezwaar bevat, dat hij tegen die stichting heeft, verzoekt hij U.E.A. beleefdelyk genoemde aanvraag niet toe te staan.

*Met verschuldigde eerbied
U.E.A. Dienstw. Dienaren
de Kerkeraad der Ned. Herv. Gem.
te Oosterend.
In zijnen Naam.
J. J. van der Weijde, Predk.
J.Th. Sippens, Oudl.*

In wike letter wie der al antwurd fan B.en W. yn in brief fan 29 oktober 1888:

'... overwegende, dat door een plaatselijk onderzoek is gebleken, dat de afstand hemelsbreed gemeten, tussen het thans bestaande kerkgebouw der Nederduitsch Hervormde Gemeente en het op te richten gebouw niet meer dan 123 1/2 meter kan bedragen;

overwegende, dat daarom de oprichting van het gebouw in het belang der openbare orde een onderzoek eischt;

overwegende, dat alles wat aanleiding kan geven tot storing der openbare orde zooveel mogelijk moet worden vermeden;

overwegende, dat de tweedracht op godsdienstig gebied zou toenemen en dientengevolge de openbare orde zou kunnen worden gestoord wanneer het publiek in het eene kerkgebouw hinder mocht ondervinden van dat in het andere gebouw;

overwegende dat hinder wordt veroorzaakt wanneer tijdens de godsdienstoefening in een der kerkgebouwen de aandacht der hoorders wordt afgeleid door het geluid van het gezang of orgelspel te weeg gebracht in het andere kerkgebouw;

overwegende, dat de oprichting alleen kan worden toegelaten wanneer dit bezwaar wordt vermeden;

2. dat het gebouw van zulke materialen worde samengesteld en zoo worden ingerigt, dat het geluid van het gezang en orgelspel niet kan doordringen tot in het kerkgebouw der Nederduitsch Hervormde Gemeente, wanneer daarin godsdienstoefening wordt gehouden.'

B. en W. wurke net mei en Wopke Wopkes sette de machtige mannen fan de Herfoarme tsjerkfâdij in pyk en sa koenen de Grifformearden dêr yn 1892 in houten tsjerkegebou delsette, dat yn 'e folksmûle it 'Reade hok' neamd waard.

Yn dat houten gebou hat de gemeente sa'n tsien jier har tsjinsten hâlden en doe barde der yn 1901 wat hiel besûnders.

Proefprobaal van Aanbesteding.

Tuschen die angegebenen den: _____
Die Kirchward der Gemeindefür die Kirchliche Ordnung
von dem: _____

En Klaas Wybes Maïta, Timmerman en Aannemer
te Himmelo, ten andere zijde, is overzegenkomen
het geen volgt: _____

De onafgeleken de Ten andere zij de verklaring door
deze wet. Te verbinden, en aan te nemen voor een eerst
gemelden Kerkeraad. Te beuven een Kerk met Ten
te Oortend, alto volgens het daaraan opgemakt
buitken tekening, met de door beide partijen en de
tekenend, en door hen aalkomen zijn goed geheuerd.
Deze aanmerking geelheid voor een som van —
Elf duizend Leven honden de deien geestig geelend.
T. ogge P 11763. —

Over de eijentige makoming van alles
waartoe de ondergeteekende ten anderen
verplicht is, stellen zich de mede onder
geteekenden Wjbe Thomas Nauwa,
Lommerman en aannemer te Hylaan de
en Jelle Wjbes Nauwa, Lommerman en
aannemer te Hilerijp; als borgens—

tenzij zij door ondertekening dezes. —
uitdrukkelijk afstand doen, van de voor-
rechten van uitwinning en schuldoplossing
Gedaan te Oisterund den 7 Maart 1902

De Kerkeraad.
D. A. Andreez pres.
J. H. G. Heurnius scriba

de Klammern
K'W'Nauts
de Bergen—
W. F. Nauts
J. H. Nauts.

Fan de gemeenteljûn fan 9 jannewaris 1901 stiet yn 'e oantekens :
Na eenige discussie werd door de gemeente uitgesproken dat de beginselen naar Gods Woord eischen andere gebouwen voor den eeredienst en stemden er allen mede in dat dit de draagkracht der gemeente niet te boven ging.

En doe kaam it grutte nijs fan 8 augustus 1901:

De 'Commissie van Administratie' dielde mei 'dat bij hen een schrijven van eene zuster is ingekomen, houdende de mededeling dat zij wenscht te storten fl. 2000,— op 1 jan. 1902 voor het bouwen eener nieuwe Kerk, onder voorwaarde dat in het voorjaar 1902 hiermede een aanvang wordt gemaakt'.

Leden dy't it goed dwaan koene, taasten ek djip yn 'e ponge dat der wie op 8 augustus fan datselde jier al fl. 5850,—. Besletten waard op 12 augustus 'een vergadering met de manslidmaten' te hâlden om 'alsdan hiervan mededeling te doen'.

Op dy gearkomste waard troch de lidmaten per 1 jannewaris 1902 in bedrach ta sein dat de totale som makket ta fl. 6850,—.

De kommisje wurke de plannen fierder út mei help fan twa tsjerkeriedsleden. It gie om 'een nieuwe kerk met orgel'. De pastory soe dan ek ferboud wurde, mar dy plannen rekken letter wer fan de baan.

Br. A. Gaastra waard beneamd ta arsitekt.

De fraach om it 'scheidingsstek' in stik opskouwe te meien waard troch de gemeente Hinnaerderadiel tastien, om, neffens de oantekens, 'meerdere wijdte aan ons bouwterrein te krijgen'. Op 17 novimber 1901 krige de tsjerke it strookje grûn foar fl. 31,27.

De toer, 'een sieraad of een beginsel...'

Op de gemeentegearkomste fan 19 desimber 1901 frege Br. K. Tuininga wat het idee is van een toren of het sieraad is of dat er een beginsel in spreekt. De Praeses zegt dat er in de toren een geestelijke gedachte legt. Dat antwurd hat der ta bydroegen dat der in toer foar de tsjerke kaam.

In kommisje fan bystân waard taheakke, dy't bestie út: Br. A.J. Feitsma, T.Y. Vellinga, H.P. Jongema en S.M. Feitsma.

Op 9 septimber 1901 wie der op de gemeentefergadering in skriuwen ynkommen fan de Commissie van Administratie 'inhoudende, dat er thans voor de nieuwe kerk met orgel is ingeschreven de som van fl. 7574,25'. De Praeses vraagt of men nu tot bouw over zal gaan welke vraag door stilzwijgen wordt toegestemd.

Oargel

Fa. Bakker en Timmenga fan Ljouwert woene graach it oargel leverje en dat barde ek. Advisearre waard om in oargel te nimmen lykas dat ek pleatst wie yn de Herfoarme tsjerke fan Easterwierrum. Men gie akkoard. De kosten wienen fl. 1400,—. De tsjerkerie kaam op 26 febrewaris 1902 middeis byinoar nei't krekt 'de publieke aanbesteding van een nieuwe kerk en toren volgens bestek en teekening heeft



plaats gevonden'. Der wiene acht ynskriuwers. Leechste ynskriuwer wie Wiersma fan Ljouwert foar fl. 11.241.-, mar it like de tsjerkerie net goed ta him it wurk te gunnen. De leechste wie doe timmerman Nauta fan Wommels dy't it wurk oannaam foar fl. 11.763.

Besletten waard in stien yn de foargevel te pleatsen mei de tekst Zach.13,7b: *Ik zal mijne hand tot de kleinen wenden.* 1902.

Ds. L.J. Wolthuis skriuwt yn 'Twee sporen, één weg', gedenkboek ter gelegenheid van 100 jaar Gereformeerde Kerk in Oosterend e.o., (s.60 v:)

'Afgedacht van het feit, dat de Gereformeerden inmiddels zijn geëmancipeerd en een opvallende sociale verheffing hebben meegemaakt, lijkt het er op, dat na de invoering van de Nieuwe Vertaling van het Nederlands Bijbelgenootschap in 1951 het getij helemaal gekeerd is, en wel ten nadele van allen, die hun houvast zoeken in de tekst op de bovenbedoelde gevelsteen.

Want, welke lezing geeft nu de N.B.G. in Zacharia 13:7?


... en Ik zal mijn hand keren tegen de kleinen!'

De heilsprofezie is veranderd in een onheilsaankondiging! Dit hoeft geen aanleiding te zijn om de gevelsteen ook inhoudelijk te wijzigen...'

De tekst is dus fan in tasizzing ta in oardiel wurden!

De earste stien mei 'trije punten...'

De earste stien waard op 7 maaie 1902 lein troch Ds. A. Andree. It is frjemd, mar wy ha dizze stien nergens fine kinnen. Mooglik is der in gewoane stien by dizze plechtichheid brûkt.



Hûshâlding Harmen Okkema (1873-1945) en Antje (Anne) Wijbrens Jouwstra (1876-1949). F.l.n.r. steand: Wijbren, Anderssche, Anne, Harmen, Gerrit. Sittend: Sjirk en Murk.

Dûmny spriek by de stienlizzing nei oanlieding fan de folgjende trije punten:

1. Dit feit sprekkt van Gods trouw in de vervulling van de beloften voor allen die naar de oude paden vroegen, welke de goede weg zij.
2. Gods macht tegenover alles wat dien zoekt te weerstaan om 's mensen hoogheid te beschamen.
3. Gods zorg voor allen die op Hem bouwen om hem voor de toekomst te troosten.

Tydlik hinnekommen

Salang de bou fan 'e nije tsjerke duorre, waard foar de sneinske byienkomsten in hinnekommen socht yn de skuorre fan timmerman Jongema oan de Foarbuorren, dêr't no de huzen nrs 10 en 12 steane.

De oantekens skriuwe hjir oer:

'Van de commissie van administratie is een schrijven ingekomen, inhoudende dat br. H. Jongema gehuurd heeft ten dienste voor de Geref. kerk de timmerschuur eigen aan R. Jongema, vroeger in eigendom behorende aan B. Hoekstra, voor een jaar aanvangende 12 Nov. 1901 voor een som van fl. 125,-. Verzoekt de kerkeraad deze huur van br. H. Jongema over te nemen, benevens met het oog op de afstand van de Herv. kerk aanvraag geschiedt bij het Gemeentebestuur'.

De fergunning waard ferliend. It soe hast noch mis rinne, want de tsjerkfâden fan de

Herfoarme Gemeente stjoerden in beswierskrift yn nei it Gemeentebestjoer fan Hinnaerderadiel. Mar se wiene te let, de niisneamde fergunning wie krekt de doar út.

De ynhâld fan dit brief wie sa:

'Geven te kennen, de ondergetekenden, uitmakende de kerkeraad der Hervormde Gemeente te Oosterend, dat zij gehoord hebben, dat de timmershuur eertijds behorende aan de Heer B.P. Hoekstra thans in eigendom bij de Heer R.T. Jongema gehuurd is waarschijnlijk tot het houden van godsdienstoefeningen gedurende de tijd waarin een nieuwe kerk voor genoemde gemeente gebouwd wordt. Zij achten dat dit groote bezwaren zal opleveren, daar genoemde schuur zich in de onmiddellijke nabijheid van de kerk der Hervormde gemeente bevindt, op geen afstand van 200 ellen zo als door de wet wordt bepaald en bovendien geheel van hout is samengesteld, waardoor de hindernis des te groter wordt.

Redenen waarom zij zich tot U wenden met eerbiedig verzoek aan de aanvrage, zo ze tot u komt, Uwe toestemming te onthouden of tenminste niet toe te staan dat de dienst gehouden wordt gedurende den tijd tot het houden van godsdienstoefeningen in de Hervormde kerk bestemd'.

De grutte dei...


Op woansdei 10 desimber 1902 waard de nije tsjerke yn gebrûk nommen, middeis om healwei twaen.

Br. G. Vellinga en Br. B. de Vries waarden oanwiisd 'om de afgevaardigden van andere kerken te ontvangen na instructies van de Praeses.' Boargemaster en Wethâlders fan de gemeente Hinnaerderadiel wiene ek útnoege.

Nei de iepening soe in 'navergadering' hâlden wurde.

'Op deze vergadering zal T.Y. Vellinga worden uitgenodigd om een historisch overzicht te geven van de Ger. kerk alhier'.


Ds. A. Andree spruts by dizze plechtige gelegenheid n.o.f. 1 Keningen 8: 20-21 en de oantekens skriuwe der oer: 'Hij maakte de gemeente duidelijk, dat zij dit huis had te ontvangen als een gave Gods gekomen in de weg van geloofsgehoorzaamheid, geschonken tot een middel tot geloofsversterking'.



Alde preekstoel.

Ynwijing fan it oargel

It oargel is dan noch net pleatst. Dat wurdt snein 24 maaie 1903 middeis om healwei twaen ynwijd yn in gewoane tsjinst mei in bûtengewoane kollekte foar it oargel.



Ynterieur fan 'e Griffformearde tsjerke.

De sitplakken...

Der ûntstiet al gau in kwestje oer hoe't it sil mei de sitplakken yn de nije tsjerke? Ferhiere? Frij? Ds. Andree woe it ferhieren ferfalle litte, mar wol fêste sitplakken, dat elke húshâlding byinoar sitte koe. Elk moast dan mar jaan wat him 'goed-dunkt.'

It waard in hiel probleem. Neffens de oantekens fan 12 jannewaris 1903 stie de 'vrede van Jeruzalem' der sels by op it spul. De tsjerkerie woe nammentlik de sitplakken oanwize. Dat betsjutte dat guon fan har plak ôfreage wurde soene. Ien fan de bruorren, Feitsma út Rien, kaam yn de tsjerkeriedsgearkomste en sei dat op grûn fan Gods Wurd soks út noch yn net koe. De tsjerkerie hâlde rekken mei dy wize wurden...

Op 13 maaie fan dat jier, 1903, bûgde de tsjerkerie him wer oer dizze kwestje: 'inzake de kwestie der zitplaatsen spreekt de meerderheid van de kerkeraad zich in dezer voege uit:

- a. Alle leden van Christus' kerk hebben de roeping van Godswege om naar de mate hunner gaven bij te dragen tot onderhoud van den kerkedienst met den aankleve vandien.
- b. Alle leden hebben dezelfde rechten.
- c. Plaatsverhuur doet aan dat beginsel afbreuk.
- d. Ieder lidmaat heeft recht op een vaste of losse zitplaats naar keuze zonder daarvoor geld te betalen, komt met dit beginsel van gelijk recht overeen.

- e. De vaste zitplaatsen aan te wijzen door het lot in de beste orde, met uitzondering van hen die tengevolge van lichamelijke gebreken een bepaalde plaats behoeven.
- f. Het beginsel door te voeren ligt op de lijn der Reformatie der kerken.

De tsjerkerie besleat de gemeente hjir oer te hearren.

Geest van het socialisme...

De gemeente stimde op de earstfolgjende gemeentegearkomste yn april 1903, dochs foar ferhiering. 'Vrij sterk wordt dat uitgesproken, want door de overigen die zwegen werd het niet tegengesproken'.

De measten, docht bliken, wolle it hâlde sa't it is. 'Nog enkele broeders, voegen hier iets aan toe, tot verdediging van het bestaande stelsel, als dat bij het handhaven der nu verkreegen plaatsen, de besten reeds zijn afgegeven, voorts dat het enkel nieuwigheden zijn en het oude daartegenover in veel gevallen verre de voorkeur verdient, alsook dat deze beweging zijn oorzaak vindt in de geest van het socialisme, die ook de kerk is binnen gedrongen'.

De tsjerkerie besleat om op Pinkstermoandei 1 juny 1903 middeis om twa oere de plakken te ferhieren.

Oanhâlde as storein...

Mar de tsjerkerie liet it der net by sitte. Op 16 desimber 1903 spriek de tsjerkerie oer de sitplakkekwestje út:

- a. dat keur geven aan de rijke, boven de arme bij het hebben van een zitplaats in de kerk in strijd is met Gods Woord;
- b. dat plaatsverhuring in beginsel is een keur geven van de rijke boven de arme;
- c. dat verhuring van zitplaatsen in Christus' kerk wat het beginsel betreft moet worden veroordeeld.

De kerkeraad besluit echter toch voor 1904 gelegenheid te geven om door verhuring zich een plaats te verzekeren, omdat een nuchtere en ernstige bespreking met de gemeente, acht de kerkeraad vooraf gewenscht, maar nog ondoenlijk. En, 'de inkomsten door verhuring der plaatsen kunnen niet weg vallen en moeten zoo mogelijk eerst anders worden gevonden'.

Broeders en zusters...

Op 6 novimber 1905 om 7 oere sil de gemeente der wer oer gear hoe't it moat mei de sitplakken. 'De vraag of tot deze vergadering ook de vrouwen toegang zullen hebben', wordt **ontkennend** beantwoord.

Ds. Ridderbos, dy't dan hoeder en learaar fan de gemeente is sûnt 16 april 1905, krige it wurd.

De oantekens skriuwe oer syn ynliding:

'Verschillende standen, geeft ook verschillende rechten en plichten'.

Dûmny sei dat men sjen moast nei de Lutherse tsjerke yn syn ferhâlding ta de oer-

heid en nei it patronaatsrjocht yn de Herfoarme Tsjerke. 'Dit alles is in strijd met het geestelijk karakter. Hieruit volgt dat in de kerk niets kan worden gekocht of gehuurd, want de kerk is het lichaam des Heeren en ontvangt alles wat zij noodig heeft uit haar hoofd, maar ook alleen uit genade. Daarom behoort ook alles wat zij bezit aan de gemeenschap en moet alles wat zij behoeft voor niet gegeven worden. Daarom worden de leden ook steeds aangesproken als broeders en zusters en zijn de ambten de eenige ongelijkheid die in de kerk bestaat. Hier geldt: gelijke rechten, gelijke plichten en daarin is het beginsel der plaatsverhuring geoordeeld, omdat het aan dengene die het meeste geld bezit een gelegenheid verschaft om zich een plaats toe te eigenen of te huren, waaraan de minderbedeelden niet komen kan. En waar het ten slotte gaat om de eere Gods, wenst de kerkeraad deze toestand op te heffen en een andere regel in te voeren'.

Neffens him binne der twa mooglikheden: Plakken allegearre frij of 'dat ieder nog zijn eigen plaats kan hebben bij onderlinge verdeling waarvan zoo veel mogelijk met ieders wensch rekening kan worden gehouden'.

Wat de 'financiën' oanbelanget, it jild moat der komme, dus dan allegearre mar wat mear kontribúsje betelje.

It kaam ta in stimming. Der binne 30 leden oanwêzich. It earste útstel kriget 6 foarstimmers en 24 tsjinstimmers, it twadde kriget 24 foarstimmers en 6 tsjin.

Wy pakke de tried wer op by de tiid dat Ds. A. Andree hjir stie.

Ds. Andree stie bekend as in nofteren Fries dy't neat ha moast fan moaipraterij en net as in man dy't him der op foarstie dat er dûmny wie. 'Zijn, wat men noemt, 'talent' had hij niet mee, deze Amos. Wanneer hij al improviserend van een breede schets, 'er in kwam', en de stof hem greep, dan spatte en vonkte het, letterlijk en figuurlijk. Eens moest het kanselpsalmboek het zelfs zoo ontgelden, dat het door een drukke geste met een onsierlijke zwaai over boord ging en een belachelijke deuk bezorgde aan zijn hoogen hoed, welke rustte op de geldkist naast de preekstoel'.

Jaarboek ten dienste van de Gereformeerde Kerken in Nederland van 1935.

Ds. Andree wie trouw mei Tryfosa Kropveld, in bekearde Joadin, 'dochter van den bekenden predikant uit Israël gesproten'. Sy wie in 'geboren domineesvrouw' en tige freonlik yn 'e omgong.

Wyt manteltsje...

It wie yn de tiid dat Ds. Andree hjir stie gebrûk, dat as der in famke stoar, dan kaam dat yn in wyt manteltsje yn 'e kiste kaam te lizzen. In suske fan Lutske Hoekstra-Bouma, Minke, ferstoar doe't se tsien jier wie op 13 oktober 1903. It famke hie 'krûp'. Yn fjouwer dagen wie it wei. Johannes Brandsma hat noch mei heit en mem yn in brikje ûnderweis nei 't sikehûs yn Snits west, mar yn Skearne-goutum koene se wol wer omkeare, want doe wie it famke al stoarn. It wie wol wat, mar heit en mem hiene gjin wyt manteltsje foar har en koene it ek net betelje.

"Sit mar nergens oer yn," sei dûmny Andree. Mei syn frou gie er der op út en se soargen der foar, dat der sa'n wyt manteltsje kaam!

'Ik wou dat mijn vader bakker was!'

It soppe net rom yn de pastory. It jiertraktemint wie steld op fl. 1000,- en der moasten se it mar mei dwaan. De Herfoarme dûmny Van der Weyde fertsjinne yn dy tiid sa'n fl. 2500,-!

Twa fan har famkes stiene ris by bakker Althuizius yn 'e winkel. Se rûkten de swietrook fan de koeken en de bôle.

Begearich seagen se nei al it lekkere guod dat op 'e skammels yn 'e winkel lei.

"Ik wou dat mijn vader bakker was," suchte ien fan de famkes. Mar dy dielde sneins in oar soarte brea út oan de minsken.

Tsjerkefisitatoaren yn 'e bres foar Ds. Andree

De tsjerkefisitatoaren kamen by har besite oan de gemeente op 28 juny 1900 foar Ds. Andree en syn húshâlding op. Se fûnen it jiertraktemint fan fl. 1000,- te min foar in húshâlding mei fjouwer bern, 'hetgeen door de predikant bevestigd wordt'. De kerkvisitatoaren zeggen dat er vele gemeenten zijn daar zoogenaamd kindergeld gegeven wordt, b.v. fl. 50,- per kind, hetgeen zij aan de kerkeraad aanbevelen'.

Ien fan de fisitatoaren wie de Makkumer dûmny, Dr. A. Kuyper Jr., in soan fan de grutte Abraham Kuyper.

Op de folgjende tsjerkeriedsgearkomste waard besletten dûmny 'een gratificatie toe te staan van fl. 100,-.' It jier dêrnei waard it traktemint op fl. 1100,- brocht. It soe eins nei fl. 1200,- ta moatte. De tsjerkerie sei ta, dat as de finansjele middels it talieten, dat ek barre soe.

Oare opmerklike saken út it tsjerklik libben fan de tiid dat Ds. A. Andree hjir stie.

De nije kristlike skoalle

Yn novimber 1892 waard de nije kristlike skoalle oan it Skilplein iepene.

Yn de oantekens fan de tsjerkerie fine we hjir oer:

'Na breedvoerige bespreking waarin de toestand waarin we verkeren werd blootgelegd en ook in vele opzichten ten zeerste betreurd, (de Herfoarme Tsjerke krige grutte ynfloed op it skoallebarren, skr.) meende de vergadering toch geen redenen te vinden om van deze gelegenheid weg te kunnen blijven'. It waard aan 'ieders eigen conciëntie' oerlitten om der al as net hinne te gean.

Achtergeblevenen...

1892

Der wie immen siik út in húshâlding, 'welke echter niet in de reformatie der kerk meent te moeten medegaan. Hierdoor werd nogal uitvoerig besproken op welke wijze de kerkeraad zijne roeping tegenover 'de achtergeblevenen' had te vervullen,

terwijl in dit geval pogingen zouden worden aangewend, door eerst te vragen of ook een bezoek van een der ouderlingen werd begeerd.'

Lju dy't by de Herfoarme Tsjerke bleaune, waarden dus ta de 'achtergeblevenen' rekkene.

Een schijn van wantrouwen...

Opkomstplicht foar de amtsdragers by tsjerkeriedsgearkomsten wie fereaske. De oantekens fan 17 july 1893 sprekke dúdlike taal:

'de scriba zegt, dat ook hij door drukke werkzaamheden verhinderd was te komen en licht dit nader toe. Br. Sybrandy meent dat de redenen welke door de scriba worden opgegeven niet voldoende zijn en hij in elk geval op de vergadering had behooren te wezen.

Br. Althuisius merkt op als verzwarende omstandigheid dat ook de notulen niet konden gelezen en zelfs niet geschreven waren. De scriba merkt op dat waar steeds door al de leden van de kerkeraad blijken worden gegeven, dat het hen er om te doen is de vergaderingen bij te wonen en slechts zeer zelden een enkele wordt gemist, het den schijn heeft dat er wantrouwen in het spel is, wanneer er zulk een onderzoek naar de afwezigheid wordt ingesteld, hetwelk zijns inziens niet voordelig kan werken. De kerkeraad billijkt hierna de afwezigheid van br. Van Dijk en de scriba in de vorige vergadering.

Fiskersramp fan Wierum

Op moandei 18 desimber 1893 waard yn 'e tsjerkerie besletten om op fersyk fan in kommisje yn Wierum 'een collecte te houden voor de hulpbehoevenden ten gevolge der jongste ramp aldaar (fan 1 desimber 1893). Zal op 24 december in beide godsdienstoefeningen worden voldaan.'

Diakonaat mogelijk, daar er in eigen woonplaats een flinke uitdeling heeft plaats gehad...

Een vraag van de 'meisjesvereniging om eenige kledingstukken te zenden naar de armen in Kooten en Twijzel kan de goedkeuring van de kerkeraad wegdragen, aangezien er dezen herfst in eigen woonplaats een flinke uitdeling heeft plaats gehad.'

Fraachlearen...

Der waard fraachleard nei de letterlike betsjutting fan it Wurd. De Heidelbergse Catechismus en it 'Kort Begrip', mei fragen en antwurden, moast út 'e holle opsein wurde. Dûmny behannele de stof en de oare wike stelde hy de fragen en moasten de jongelju de antwurden lykas dy letterlik yn it boekje stiene, opsizze kinne. Net allinne yn 't winterhealjier mar ek simmers waard der fraachleard. Op 'e tsjerkeriedsgearkomste fan 4 jannewaris 1895 dielde Ds. Andree mei: 'het catechiseren voor deze zomer te openen op donderdagavond van 8 tot 9 uur voor jongeligen en jongedochters'. Dêrneist joech er op sneintemiddei nei de preek fraachlearen fan trije oant fjouwer oere oan it 'werkvolk dat op middag in de week niet

zou kunnen komen, om hun zodoende in de gelegenheid te stellen onderwijs te ontvangen.'

Wa't belidenis dwaan woe 'learde troch'. Dit fraachlearen waard ôfsletten mei in ûndersyk dat om en de by twa oeren duorre. As dûmny klear wie, krigen de oare 'broeders' fan de tsjerkerie noch gelegenheid inkelde fragen te stellen.

Ongeregeldheden tijdens de catechisatie

It rûn ek wol ris út 'e hân by it fraachlearen. Der stiet yn 'e oantekens fan 22 jan. 1894: 'Broeder Vellinga vraagt of de kerkeraad met het oog op de ongeregelde- den tijdens de catechisatie van een 3 tal catechisanten ook iets moet doen. Beslo- ten wordt om bij het aanstaande huisbezoek hier op de ouders opmerkzaam te maken en in hunne tegenwoordigheid te vermanen'.

De Riensters wolkom yn Easterein

Op 3 july 1894 wurdt besletten om, yn oerlis mei de tsjerkerie fan Skearnegoutum, de Grifformearde Riensters der fan op 'e hichte te bringen, dat in elk dy't graach yn Easterein nei tsjerke ta wol, wolkom is. Fan dy tiid ôf geane de Grifformearde Riensters nei Easterein nei tsjerke.

Ds. Andree gie ek wol nei Rien ta te sprekken. Sa lêze we yn 'e oantekens dat hy op 12 of 13 desimber 1894, (dan is it ljochtmoanne) dêr in sprekbeurt hâlde sil.

De winter dêrop wurde om de wike troch de Skearnegoutumer en de Easterein- der dûmny bibellêzings yn Rien hâlden.

Achter it net fiske...

Br. Romkema koe, hoewol't er mei oer gien wie nei de Grifformearde Tsjerke yn 1888, skoalmaster bliuwe oan de kristlike (Herfoarme) skoalle fan Easterein. Doe't er in beneaming nei in oar plak oannaam, fûnen de Grifformearden dat der fansels wer in Grifformearde skoalmaster foar him yn 't plak komme moast.


Inkelde Grifformearde tsjerkeriedsleden komme mei driigjende taal: 'As it (Herfoarme, skr.) skoalbestjoer dat net wol, dan nimmme wy de bern fan skoalle, of wy stjoere se nei Wommels, of wy bouwe sels in skoalle. "Wy hawwe it dochs ek klearspile en set yn Easterein in nij tsjerkegebou?", sizze se. Mar br. Althuizius seit, dat 'we dochs al efter it net fiskje, want moarn sil der in sollisitant komme út Hoogeveen en dy is Herfoarmd'. Dy sil it dus wol wurde.

Eintsjebeslút kaam de tsjerkerie neffens de oantekens ta de konklúzje: 'De kerke- raad zal zoo mogelijk betere gelegenheid afwachten.'

Pastorale soarch en soargen

It wie lang net altiten 'pais en vree' yn 'e gemeente fan de Grifformearde Tsjerke fan Easterein. Om in 'suvere' gemeente te hâlden, moast de tsjerkerie faak der op út om de lju op de rjochte lear en it dêrby passende libben te wizen.

It húsbesyk rûn it hiele jier troch. Elke wike giene in âlderling en dûmny op 'en paad en net ien húshâlding sloegen se oer. Boppedat die men noch fjouwer



zou kunnen komen, om hun zodoende in de gelegenheid te stellen onderwijs te ontvangen.'

Wa't belidenis dwaan woe 'learde troch'. Dit fraachlearen waard ôfsletten mei in ûndersyk dat om en de by twa oeren duorre. As dûmny klear wie, krigen de oare 'broeders' fan de tsjerkerie noch gelegenheid inkelde fragen te stellen.

Ongeregeldheden tijdens de catechisatie

It rûn ek wol ris út 'e hân by it fraachlearen. Der stiet yn 'e oantekens fan 22 jan. 1894: 'Broeder Vellinga vraagt of de kerkeraad met het oog op de ongeregelde- den tijdens de catechisatie van een 3 tal catechisanten ook iets moet doen. Beslo- ten wordt om bij het aanstaande huisbezoek hier op de ouders opmerkzaam te maken en in hunne tegenwoordigheid te vermanen'.

De Riensters wolkom yn Easterein

Op 3 july 1894 wurdt besletten om, yn oerlis mei de tsjerkerie fan Skearnegoutum, de Grifformearde Riensters der fan op 'e hichte te bringen, dat in elk dy't graach yn Easterein nei tsjerke ta wol, wolkom is. Fan dy tiid ôf geane de Grifformearde Riensters nei Easterein nei tsjerke.

Ds. Andree gie ek wol nei Rien ta te sprekken. Sa lêze we yn 'e oantekens dat hy op 12 of 13 desimber 1894, (dan is it ljochtmoanne) dêr in sprekbeurt hâlde sil. De winter dêrop wurde om de wike troch de Skearnegoutumer en de Easterein- der dûmny bibellêzings yn Rien hâlden.

Achter it net fiske...

Br. Romkema koe, hoewol't er mei oer gien wie nei de Grifformearde Tsjerke yn 1888, skoalmaster bliuwe oan de kristlike (Herfoarme) skoalle fan Easterein. Doe't er in beneaming nei in oar plak oannaam, fûnen de Grifformearden dat der fansels wer in Grifformearde skoalmaster foar him yn 't plak komme moast.

Inkelde Grifformearde tsjerkeriedsleden komme mei driigjende taal: 'As it (Herfoarme, skr.) skoalbestjoer dat net wol, dan nimmme wy de bern fan skoalle, of wy stjoere se nei Wommels, of wy bouwe sels in skoalle. "Wy hawwe it dochs ek klearspile en set yn Easterein in nij tsjerkegebou?", sizze se. Mar br. Althuizius seit, dat 'we dochs al efter it net fiskje, want moarn sil der in sollisitant komme út Hoogeveen en dy is Herfoarmd'. Dy sil it dus wol wurde.

Eintsjebeslút kaam de tsjerkerie neffens de oantekens ta de konklúzje: 'De kerke- raad zal zoo mogelijk betere gelegenheid afwachten.'

Pastorale soarch en soargen

It wie lang net altiten 'pais en vree' yn 'e gemeente fan de Grifformearde Tsjerke fan Easterein. Om in 'suvere' gemeente te hâlden, moast de tsjerkerie faak der op út om de lju op de rjochte lear en it dêrby passende libben te wizen.

It húsbesyk rûn it hiele jier troch. Elke wike giene in âlderling en dûmny op 'en paad en net ien húshâlding sloegen se oer. Boppedat die men noch fjouwer

kear yn 't jier húsbesite mei it each op it kommende nachtmiel. Der hâlde dan in âlderling ekstra tasicht of elkenien wol mei oansiet.

De oantekens fan 7 maaie 1896 jouwe oan: 'Omtrent het laatst gehouden Avondmaal meent de kerkeraad zoo goed als zeker te weten dat niemand is weggebleven welke niet wettelijk verhinderd werd.'

Sitaten út tsjerkeriedsoantekens út de jierren 1896 - 1899

'Nooit meer in de Gereformeerde kerk, nu en nooit'

'...Met betrekking tot een lidmaat der gemeente welke gepasseerde zondag naar de Genootschapskerk (de Herfoarme tsjerke) is gegaan en zich heeft uitgelaten nooit meer in de Gereformeerde kerk nu en nooit te zullen komen, wordt besloten hierover een wakend oog te houden en hem eerst weer tot kalmte te laten komen, aangezien hij op dit ogenblik voor geen saamspreking vatbaar is welke tot goede resultaten kan leiden volgens het oordeel van den kerkeraad.'

'...in de magt van de vorst der duisternis'

'...Een der broeders heeft zich volgens geruchten vergrepen aan de Rijkspolitie alhier. Er zal een nader onderzoek worden ingesteld door Ds. en Althuisius.'

Nei it ûndersyk wurdt oantekene:

'...Blijkens het rapport is de toestand van dezen broeder allertreurigst en diep beklagenswaardig. Hoewel hij tijdens het bezoek zeer kalm was tegenover de broeders Deputaten is evenwel zijn toestand zo, dat te oordelen naar hetgeen hij zegt, deze broeder zoo zeer in de magt van de vorst der duisternis gehouden wordt, dat hij als het ware wil vluchten van God en zijn dienst, wat dan ook zoo zeer uitkomt in hetgeen hij aan de br. Deputaten heeft gezegd n.l. dat het zamenkomen met de gemeente onder de Bediening des Woords hem ondoenlijk wordt en dat hij het bijbellezen zoo kort mogelijk kan aanhoren, eigenlijk gezegd de Stem des Heeren niet kan hooren. Hierover ernstig vermaand zijnde wordt hem door de Deputaten gezegd dat hij zo zeer zijn eigene ziele schade doet en meteen de Naam des Heeren smaadheid en lastering aandoet, en de gemeente des Heeren schandvlekt.

'...Bij het rapport huisbezoek wordt nog opgemerkt dat de zedelijkheid in deze plaats onder het opkomende geslacht zeer veel te wensen overlaat en wordt de noodzakelijkheid uitgesproken dat ieder in zijn kring doe wat hij vindt te doen om dit kwaad zoveel mogelijk te stuiten'.

De attestaasje fan Trijntje Zandstra

'...Het aanvragen om attestatie door Trijntje Zandstra, 22 februari 1898, komt in bespreking welke in het huwelijk hoopt te treden met K. Lettinga, benoemd H.O. (haadûnderwizer, skr.) te Tzum. Waar voornoemde zuster haar woord gaf met hem te zullen kerken (hij is Ned. Herv.) geeft dit aanleiding tot gedachtenwisseling. Waar de Preases haar alreede ernstig heeft vermaand, op het zondige van

haar doen gewezen als zijn niets minder dan eene verloochening van haar beginsel, vraagt hij thans het gevoelen der broeders omtrent deze zaak, waar zij eene attestatie verlangt. Bij de gehouden bespreking komt uit: kan men haar eene attestatie geven zooals die behoort te zijn? En waarvoor zal deze dienen? Waar zij zegt niet te willen en ook niet te kunnen breken met het Ger. Kerkverband doet zij dat niet als haar huwelijk kerkelijk laat bevestigen in het genootschap? Praeses stelt voor dat vanwege de kerkeraad 2 broeders gedeputeerd worden om haar de pertinente vraag te doen of zij belooft deze attestatie zoodra zij in Tzum komt wil indienen bij de kerkeraad der Gereformeerde kerk. En waar hij al meer dan eens met haar over deze zaak gesproken heeft, en ook broeders Althuisius dien aangaande met haar in woorden is geweest, geeft hij in overweging dat voor deze zaak de beide andere br. Opzieners gedeputeerd worden ten einde ook door deze openbaar worde dat dit vermaan een kerkelijk karakter drage. Algemeen wordt dit goed gevonden. Br. Althuisius wil echter liever dat niet 2, maar 1 Opziener en de Voorzitter de Deputatie zullen uit maken. Dit wordt echter verworpen en nemen de 2 andere broeders Opzieners deze last uit te voeren.'

Der wurdt ferslach dien fan it húsbesyk. Kin de attestaasje ôfjûn wurde?

'By openbaring van gedachten komt uit, dat er verschil bestaat bij de broeders onderling. De meerderheid is van gevoelen dat geen volledige attestatie kan en mag gegeven worden om reden voornoemde zuster blijkens het rapport nog altijd een weifelende houding aanneemt. De voorzitter geeft te kennen dat deze zaak ook door hem rijpelijk is doordacht en overwogen, en de kerkeraad straks een beslissing zal hebben te nemen en deze zal moeten doen op goede gronden komt het hem wenselijk voor, dat waar zij nu vertrokken is, om haar kort en beslist nog eens de vraag voor te leggen waarom zij een Attestatie verlangt en of zij deze wil indienen bij de Geref. kerk van Tzum... *dit schrijven zoo in te kleeden, dat zij Ja of Neen zal moeten antwoorden*, om dan in de volgende vergadering finaal omtrent deze zaak te beslissen. Een en ander kan de goedkeuring van de broeders wegdragen en wordt hiertoe besloten.'

Op 21 Maart 1898 komt it antwurd fan Trijntje Zandstra.

'Hier wordt door haar verklaard dat zij volgens haar overtuiging haar man moet volgen, wat breking met de Gereformeerde Kerk ten gevolge moet hebben. Waar dit bericht met smart wordt vernomen besluit de kerkeraad om op de eerstkomende zondag dit aan de gemeente bekend te maken.'

Enkele leerredenen vroeger ook wel gelezen...

Der waard sneins troch de gemeente goed en kritysk harke. De aantekens fan de jiergearkomste fan de gemeente op 3 july 1896 fertelle ús: 'De scribe A. Sybrandy vraagt of het ook zijn nut kan hebben een betere regeling te treffen in het preeklezen n.l. wat de stof betreft, aangezien er enkele zijn die aanmerking maken dat enkele leerredenen vroeger ook wel gelezen zijn.'

Net genôch yn de skuld preke

Op 'e jiergearkomste fan de leden yn novimber 1896 murk ien op dat dûmny, Ds. Andree, de gemeente net genôch yn de skuld preke. Ofrûne snein hie dat ek wer it gefal west. De tekst fan 'e preek wie Ezechiël 16:8 Als Ik nu bij u voorbijging, zag Ik u; en zie, uwe tijd was de tijd der minne; zo breidde Ik mijnen vleugel over u uit en dekte uwe naaktheid, ja Ik zwoer u en kwam met u in een verbond, spreekt de Heere HEERE; en gij werdt mijn.'

In oaren fynt de prediking net 'practisch genoeg'. Mar de tsjerkerie is fan betinken dat men foldwaande troch dûmny syn preken 'gesticht' wurdt.

Men is oars oer't ginneraal tige te sprekken oer de wize wêrop Ds. Andree preket.

Yn syn leerrede by it 25-jierrich amtsjubileum seit er:

'Van een leven vol tegenstand gelijk Paulus, mag ik, tot roem van Gods genade, niet spreken. Ontkennen zal ik het niet, dat de Koning der Kerk, gelijk voor al zijne dienaren, het ook mij goed vond, mij nu en dan een doorn, al was het een kleine, in het vleesch te geven. Wantrouwen is ook mij niet bespaard. Het was echter 's Heeren zorg over mij, om dit meer in de laatste dan in de eerste helft van den tijd mijner bediening, op mijn weg te doen vinden, toen ik het, **voor velen koude, en toch zoo teedere Noorden, verwisselde voor het zoele, soms zoo harde Zuiden, waar het ziekelijk subjectivisme zoo welig tiert.**'

'De voorzitter verzoekt een ieder vriendelijk op tijd aanwezig te zijn in de conistorie om tijd te hebben gezamenlijk des Heeren zegen af te smeken voor de dienst des Woords.'

It nachtmiel freget om langere tafels, om't it tal leden dat mei oangiet groeit. De Rie freget de kommisje fan beheer 'een kleed tot dekking beschikbaar stellen.'
(Tsjerkeriedsoantekens 1898)

'Ure des gebeds' by gelegenheid fan de oanstearde kroaning fan keninginne Wilhelmina

By de ynkommen stikken fan de tsjerkeriedsgearkomste fan 4 july 1898:

'Een schrijven van de Prov. Synode waarin zij adviseert om bij gelegenheid van de a.s. kroning onzer koningin waarin zij de regeering aanvaardt 31 Augustus een Ure des gebeds te houden. Hiertoe wordt algemeen besloten. Het uur van zamenkomst zal later worden vastgesteld.'

De flagge komt dan ek op de toer. De 'kerk. kascomissie' kriget opdracht dat te dwaan 'en wel zoo dat zij netjes en doelmatig worde geplaatst.

Der wurdt dan ek feestfierd, want de oantekens fan 21 july 1898 skriuwe:

'Verder deelt de voorzitter mee, dat hem door 2 zijner getrouwste Catechisanten is verzocht om met het oog op de velerlei werkzaamheden die het organiseren van het Kroningsfeest onzer jeudige vorstin veroorzaaken, de zomercatechisaties nog een ogenblik te laten rusten. Hij vraagt het gevoelen der broeders. Na eenige bespreking wordt besloten dit verzoek toe te staan.

'De ure des gebeds' fynt plak op woansdei 31 augustus 1898 om healwei tsienen de moarns.

10 novimber 1899

'Omtrent Rien deelt de Praeses mee, dat hij het verzoek heeft ontvangen van de kerkeraad der Gereformeerde Kerk van Scharnegoutum om evenals vorige jaren mee te helpen tot de prediking des Woords gedurende de wintermaanden in het voormelde Rien. Hij heeft dit aangenomen.'

Der wie nochal wat opposysje ûnder de Riensters tsjin de gong fan saken yn Rien. De byienkomsten waarden op de boppeseal fan de herberch hâlden en dat joech problemen. Alde lju koene net by de trep opkomme. Oaren wiene poer op 'e herberch tsjin en it koste ek nochal wat hier.

Oprjochting tsjerklike ferienings

Christelijke jongedochterenvereniging en vrouwenvereniging; jongelingsvereniging 'Uw Koninkrijk kome'

De tiid fan de jierren njoggentich fan de foarige ieu is ryp foar it oprjochtsjen fan allegearre ferienings. Ds. Andree wie de man der nei om dy omstannichheid oan te gripen en befoarderje sa de aktiviteiten yn 'e gemeente.

Op 19 jannewaris 1893 kaam in mûnling fersyk 'van eenige jongedochters' út de gemeente by de tsjerkerie dy't graach in 'Christelijke jongedochterenvereniging' oprjochtsje wolle, 'verzoekende daarbij de raad en steun van de kerkeraad'. De tsjerkerie stie dat ta, mei de opmerking 'dat zoo mogelijk tusschen de op te richten vereniging en de diaconie een nauw verband wordt gelegd'. Ds. Andree en skriba T.Y. Vellinga wiene by de oprjochting en de earste gearkomste oanwêzich. 17 leden sleaten har oan. De feriening waard oprjochte ûnder de zinspreuk: '**Bid en werk**'.

It doel fan 'e feriening wie: 'in verband met de diaconie der Gereformeerde kerk te werken voor de armen en onderling elkander te stichten met het lezen van een gedeelte uit Gods Woord of een of ander stichtelijk gedeelte uit de kerkgeschiedenis of ander Christelijk schrijven'.

Yn itselde jier 1893, wurdt der ek in **Griffermearde froulju's feriening** oprjochte, omdat de froulju neffens de tsjerkeriedsoantekens 'met de bestaande vrouwenvereniging, (de Herfoarme, skr.) niet kunnen samenwerken, volgens hare overtuiging en toch behoefte gevoelen zich wekelijks alszoodanig saam te voegen'.

Op útstel fan de Praeses wenje út en troch Deputaten fan de tsjerkerie de jûnen fan de Jongelingsferiening '**Uw Koninkrijk kome**' by. Dy bringe dan rapport út oan de tsjerkerie.

versien van het Tenfest 90.
Spinde 2. 1884 5. 1884 90.

Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.

In vergadering werd geluid door de
Tienfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.

andere en doch, door de nalgende van Per.
Tienfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.

Hierna werd de Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.

Hierna werd de Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.
Tenfeest 90. 1. 1884 5. 1884 90.

Gezelschapsavonden

Foar de oankommende winter 1893/1894' besleat de tsjerkerie 'gezelschaps-avonden', in soarte fan bibelstúdzje jûnen, te hâlden. Yn oktober sil it begjinne, woansdeite jûns fan sân oere oant healwei njoggenen.

As ûnderwerp wurdt keazen: 'De 37 Artikelen van de Nederlandsche Geloofsbelijdenis, waarover de voorzitter (ds. Andree) telkenmale een inleidend woord spreekt waarna vrije bespreking volgt. In elke vergadering zal een busje aanwezig zijn waardoor gelegenheid bestaat den armen te gedenken'.

Wy fûnen yn it argyf fan de Grifformearde Tsjerke in kladsje mei oantekens oer de 'Knapen', opgericht door Chr. Jongelingenvereniging dy't neffens dizze oantekens 'vrijzeke' opgericht is op 29 Aug. 1879.

De ynhâld fan dizze oantekens binne tige nijsgjirrich:

'29 Aug. 1880. Eerste vergadering gehouden 4 September 1880 in de Chr. School. Leider B. van der Heide.

Als Secr. werd gekozen G.Y. Vellinga, penn. J. Wiersma. Plaatsvervangend lid P. Vellinga.

Deze notulen zijn geschreven door J. Althuisius. Om de 14 dagen werd er vergaderd. B. van der Heide tot 21 April 1883, daarna leider J. Althuisius. tot Juni 1883. Daarna Mr. Romkema.

Vaak werd gezongen uit Neerbosch Zangen.

Lolke Bouma is ook Secr. der Kn. ver. geweest 1889.

1888 zelfde boek gelezen dat we nu lezen: "Uit de duinen." (Fan E. Gerdes, ek skriuwer fan "Er ruischt langs de wolken.")

27 Febr. 1892. Vergaderplaats vertimmerd tot winkelhuis. Alles naar de consistoriekamer overgebracht. Laatste vergadering geen stoelen en banken aanwezig. Op een trap en turfbak.

18 Nov. 1893 bedankt Mr. Ornee omdat het niet ordelijk genoeg toegaat op en na de verg. der. Kn: ver. Politie kwam er soms bij te pas. En Romkema opvolger. 24 Aug. 1894 Romkema bedankt.

28 Oct. 1894 Besloten om de biblioteek der K.V. bij J.V. te voegen en voor een ieder beschikbaar te stellen.

Doopkwestje 1894

Alders moatte beide belidende lidmaten wêze, sille har bern doopt wurde kinne. Br. Romkema, skoalmaster oan de kristlike legere skoalle yn Easterein jout de tsjerkerie yn oerweging om by de betsjinning fan de Doop allinne de heit 'ja' sizze te litten en net de heit en mem beide. Zijns inziens is dit onzin. Niet de moeder **en** vader, maar de vader *alleen* houdt het kind ten doop. Er is geen eenstemmigheid en daarom wordt er nog geen beslissing genomen.

Op 12 july 1900 stelt de tsjerkerie lykwols fêst:

'Wat betreft het formulier van 't dopen om vader alleen te lezen, besluit men om daar de gewoonte allang is om de moeder er bij te noemen, dit zoo te houden.'

Daliks de earste snein dope

As Ds. Andree op in bepaald stuit ien fan syn eigen berntsjes doopt, feroaret it allegearre. It wurdt dan gebrûk, dat de earste snein nei de berte doopt wurdt. It berntsje moat, op oanrieden fan dr. Abraham Kuyper, sa gau mooglik opnommen wurde yn it ferbûn fan Gods genede. Ds. Andree is it dêr folslein mei iens en fan dy tiid ôf sil it by de Grifformearden yn Easterein jierrenlang wisânsje wêze, dat de heit it berntsje op de earste snein dope lit, sûnder dat de mem der by is.

'Slaperigheid'

Ien fan de leden stelde op 'e gemeentefergadering fan 4 septimber 1896 de fraach oft it ek sin hie en lit de manlju ûnder it bidden stean 'ter verkoming fan slaperigheid'. Op oare plakken is soks ek regel. De tsjerkerie nimt noch gjin beslút. Dûmny sil mei koarten Zondag 45, dêr't it oer it bidden giet, dit útstel oan de oarder stelle en dan sil hy op dizze problematiek yngean.

In izeren wet: sneins twa kear preek

It wie in dúdlike saak dat de tsjinsten sneins yn 'e eigen tsjerke trochgean moasten. Dêr getuge de oantekens hieltiten wer fan.

Yn de oantekens fan 23 maaie 1898 dêroer it folgjende:

'De Praeses vraagt het gevoelen der brs. omtrent de gedachten van Ds. S. Bosma te Wommels om op Pinkstermaandag een zendingsbijeenkomst te houden, van de kerken Wommels, Cubaard en Oosterend bij welke gelegenheid de dienaren der voornoemde kerken een Referaat zouden houden in het belang der zending. Na

eenige bespreking wordt duidelijk, dat hoe gaarne men op het Zendingsterrein meer licht zag ontstoken en opwekking in den arbeid der zending gewenscht achte, er bezwaar bestond om hierbij den dienst des Woords te moeten inboeten'.

Tsjerkerie op 'e fingers tikke

Ds. Bosma (fan Wommels) docht ôfskie en dêr moat Ds. Andree hinne, trouwens elk lid fan de gemeente fan Easterein is útnoege. Ds. Bosma hie konsulint west fan Easterein yn fakatueretiid en dêr hie men o sa oer te sprekken west. Besletten wurdt om op 16 oktober 1898 allinne moarns preek te hâlden en middeis de gelegenheid te jaan om nei Wommels te gean foar it ôfskie fan Ds. Bosma.

Lykwols de tsjerkerie wurdt troch in gemeentelid skriftlik op de fingers tikke. 'As ienkear de hikke fan de daam is', skriuwt er, 'dan is der altiten wol wat te finen om de middeisprek oer gean te litten. De gemeente heart byinoar te kommen!'

De tsjerkerie komt dêrom op it beslút werom:

'Toch wordt erkend dat men in alles de zuiverste weg gaat, wanneer men op het genomen besluit terugkomt, om de middagdienst niet af te stellen'.

Yn de selde oantekens komt de folgjende pasaasje foar:

'Schrijven van (dezelfde) Prov. Syn. eene opwekking tot bevordering van de heiliging van de dag des Heeren. Eenstemmig van oordeel dat het in dezen treurig gesteld is, wordt besloten om zoo veel dat kan naarstig toezicht te houden over deze zaak en door alle gepaste middelen hiertoe op te wekken en mede te arbeiden.'

'...opdat de gemeente niet zegge: 'Het is preeklezen, ziet ge, en nu is hij er weer niet!'

'A. Sybrandy, de scriba, vraagt of de kerkeraad ook iets moet doen ten opzichte van hen die bijkans regel van maken om bij het preeklezen te schitteren door afwezigheid en wier zitplaatsen bijna altijd als dan onbezet zijn. Deze zaak waar van ook een onzer diakenen niet is vrij te pleiten wordt onderling besproken. Deze br. verantwoordt zich en hoewel hij meent bewijsgonden te kunnen aanvoeren voor zijn wegblijven, bevreemdt het hem dat anderen hierover niet worden aangesproken. Evenwel zegt hij dit in dank aan te nemen dat de kerkeraad hem hierop wijst. De Praeses merkt op dat hoewel het voor den een niet erger is dan voor den ander waarbij buiten noodzaak de zamenkomst der gemeente verzuimt moet de betrokken br. vooral niet voorbij zien dat het van leden van kerkeraad veel verder gezien wordt dan van iemand anders. En waar men ook in dezen een voorbeeld moet geven, komt het hem wenselijk voor dat wanneer de br. moet thuisblijven om huiselijke omstandigheden dat hij dan in het vervolg dit zoo regele, dat hij ook thuis blijft wanneer de dienaar optreedt opdat de gemeente niet zegge: 'Het is preeklezen, ziet ge, en nu is hij er weer niet!'

Omtrent degenen welke de br. Diaken noemt die bijkans altijd thuis zijn bij de lezing eener leerrede en de namen bekend zijn, besluit de kerkeraad om bij het huisbezoek hierover te spreken en deswege te vermanen'.

Preeklezen... 'in poepetoer'

It preeklêzen is fansels in keunst op himsels. Dûmny freget bygelyks oan br. Sangers, neffens de oantekens fan 28 july 1900, 'om bij het lezen vooral te letten op de teekens en raad hem vooral aan kalm en bedaard te zijn. Br. Sangers neemt in dank deze raadgeving aan.'

Sangers wol lykwols by neier ynsjoch wol graach fan dit 'baantsje' ôf en freget op de tsjerkeriedsgearkomste fan 26 (skr.) desimber wa't it folgjende jier it fan him oernimme wol. Besletten wurdt dat dit de âldste 'broeder' yn it ambt wêze sil.

Tucht, ien fan de machtsmiddels fan de tsjerkeried

De fiering fan it nachtmiel sil suver en hillich bliuwe en dêr sil alles oan dien wurde. Oan de ynstelling fan it Censura Morum, it ûndersyk fan de tsjerkeried of in lid al of net oangean mei, is in húsbesyk keppele dat oan elk nachtmiel foarôf giet. Bûten it reguliere húsbesyk fan ien kear yn 't jier wurdt oant 1938 ta by de fjouwer kear yn 't jier dat it nachtmiel fierd wurdt alle kearen dit húsbesyk dien.

Mar ear't de tsjerkeried op in paad giet foar dit ûndersyk, is der earst in Censura Morum foar de tsjerkerie sels.

Yn de oantekens fan 17 maaie 1900 stiet hjir oer:

'Vooraf vraagt de Praeses of ook iemand verlangt dat het zal geschieden met buitenstaan. Waar dit door niemand verlangt wordt, blijkt uit deze onderlinge tucht-oefening dat niemand iets tegen de ander heeft.'

De oantekens fan 25 july 1901 is sprake fan in ûndersyk foar in nachtmieľsfiering: 'Thans wordt rapport uitgebracht vanwege het huisbezoek voor het vieren van het Heilig Avondmaal waaruit bleek dat de gemeente in eene goede welstand verkeerde, behoudens Br. Z. en de zusters A.P. en M.B. die om verschillende redenen niet kunnen worden toegelaten.'

Iepenbiere skuldbelidenis

As der in pearke is dat trouwe moat, dan kin der pas in tsjerklike befêstiging fan dat houlik plak fine, as yn 't iepenbier foar tsjerkerie en gemeente skuld beliden is.

2 Septimber 1901

De frou fan O.O. is op belidenisfraachlearen en tagelyk giet se nei de 'kermis' yn Wommels en Snits. 'De zaak zal nader worden onderzocht.'

17 desimber 1902

De fraach is of boeren dy't op snein molke leverden oan it fabryk of dy wol yn it ambt stean koene. 'Na bespreking kon geen der leden dit bezwaar delen van een broeder uit de gemeente.'

Der komt yn deselde tsjerkeriedsgearkomste in fersyk fan it fanfarekorps Wilhelmina om de tsjerke brûke te meien foar in iepenbiere útfiering. 'Wegens de nieuwhed van de verf meende de kerkeraad hiertegen vooralsnog bezwaar te moeten hebben'.

Broeder G. Vellinga docht yn jannewaris 1903 foar it korps op 'e nij in fersyk en dan wurdt it wol tastien.

Begrutting

Om ynsjoch yn **de begruttings** fan dy tiid te krijen is de jierrekken fan 1901 wol nijsgjirrich.

Ontvangsten

Zitplaatsen	fl. 300
Collecten	525
Lamsweide	160
Vrijw.inschr.	750

fl. 1914

Uitgaven

Tract.dienaar des Woords	fl. 1100
Koster	50
Rente	234
Onderh.gebouwen	75
Kosten eeredienst	50
Schrijf-en drukwerk	5
Class.kosten	50
Onvoorz.uitgaven	50
Aflossing	300

fl. 1914

'Tabak foar rekken fan de koster'

Ta koster wurdt op 30 novimber 1900 beneamd br. K. Kam(p)stra (p?skr.). It jier traktemint wurdt steld op fl. 50,-. Nijsgjirrich dêrby is de oantekening: 'het aanwezig zijn van tabak op de vergadering is voor zijne rekening. Indien er koffie of thee gewenscht wordt is dit wat de materialen aanbelangt niet voor rekening van de koster'.

Splitsing kosterskip

30 dec.1902

Besletten wurdt it kosterskip te splitsen. Widdofrou Hingst wurdt oanwiisd om de tsjerkeseal 'alszoodanig schoon te houden en hiervoor ter belooning te ontvangen de som van fl. 15,- per jaar'.

Frou Hingst hat mar in moanne dy funksje waarnommen. Op 29 jannewaris 1902 naam Janke Bonnema, de frou fan Hein Bouma, 'beppe Luts' (Lutske Hoekstra-Bouma) har mem, tsjin in selde fergoeding fan fl. 15,- yn 't jier dit part fan it kosterskip oer.

Gjin kachel yn tsjerke

20 oktober 1903

Oer it pleatsen fan in kachel yn tsjerke oardielt de tsjerkerie 'hiervoor alsnog niet op in te gaan'. Der komt wol in kachel yn 'e konsistoarje, mar ek de oanskaf fan matten yn tsjerke geane noch net troch en dat jildt ek foar de loopers op de trep fan it 'spreekgestoelte'. Wol wurdt der besletten in stoel yn de preekstoel te setten.

De sjongferiening 'Hallelujah' kriget in lokaliteit foar fl. 5,- yn 't jier. Boppe de konsistoarjekeamer is de boppeseal. Dy wurdt foar eventuele hierders ferhierd foar fl. 2,50.

5 Februarij 1901

Er wordt besloten met het oog op de feestelijkheden op het huwelijk van Hare Majesteit de Koningin de catechisaties deze week donderdag af te stellen behoudens die van de jongelingen.

In eigen wize fan formulearingen

Der ûntstiet stadichoan in eigen wize fan formulearingen yn oantekens dy't yn Griffomearde rûnten brûkt wurde.

Sa komt men byinoar as 'de raad der kerke Christi aan deze plaats.' En: 'de Praeses, spreekt als zijn wensch uit en bede, dat de Koning der Kerk zijn genade schenke tot den arbeid voor het Zion Gods aan deze plaats'.

22 febrewaris 1901

Br. Althuisius freget of by it sikebesyk de barmhartigheid ek útoefene wurde moat. Besletten wurdt dit net te dwaan om't net elkenien like begoedige is. '...evenwel sluit dit geenszins de particuliere liefdadigheid alszo uit.'

... als grijs geworden in het ambt

Op 30 desimber 1901 wurdt ôfskie nommen fan br. W. Joustra en A. Gaastra. 'Inzonderheid wordt een waarderend woord uitgesproken tot br. Joustra, als grijs geworden in het ambt. Praeses zegt hem dank namens de gemeente voor de ambtelijke arbeid door hem verricht en spreekt de wens uit dat zij beiden, buiten het ambt staande, zolang de Heer hen spaart een ieder naar gave hem geschonken zullen werkzaam zijn tot bevordering van de bloei der gemeente van Christus te dezer plaatse.

Maart 1904

Deselde Br. Joustra sr., dy't sa'n soad betsjutten hie foar de gemeente, hat finansjele help nedich. De famylje kin net byspringe en de ponge fan 'e diakony is hast leech. Dochs wurdt besletten dat de diakony helpe sil. Dûmny sil de earstkommende snein in berop op de gemeente dwaan om ekstra oan de diakony te jaan.

Ferstjerren S.W. Joustra 5 july 1909

By 't omfreegjen fan de tsjerkeriedsgearkomste fan 5 july 'gaf de scribe in overweging de Praeses namens de kerkeraad te verzoeken bij de begrafenis van Br. S.W. Joustra Sr. een woord van dankbaar gedenken namens de kerkeraad te spreken. De Praeses belooft verzoek in nadere overweging te nemen.'

Joustra leit oan 'e noardkant fan de âlde toer op it tsjerkhôf oant 'de grutte dei fan Kristus' sa't op de stien oanjûn stiet.

It berop nei Spijk fan Ds. Andree

Op 25 maaie 1904 dielt Praeses, Ds. Andree, mei dat der in berop op him útbrocht is troch de gemeente Spijk yn Grins. Dûmny freget wat de tsjerkerie him oanriedt. Dêrta wurdt in ekstra gearkomste belein op woansdei 1 juny 1904. Nei 'langdurige en breede bespreking' bringt 'men ter kennis van de Dienaar des Woords:

De kerkeraad waardeert de ambtelijke arbeid van de dienaar in de loop der jaren gedaan, zeer. Er was ook het gebrek dat er aan kleefde, maar daar was de dienaar altijd zelf de eerste in die dat bekende. Toch mocht hij Gode's rijke zegen in zijn arbeid ervaren.'

Hoe tinkt de gemeente der oer?

Nei ûndersyk fan de tsjerkerie docht bliken dat der trije groepen binne:

Dat daar eerstens is een gedeelte, hetwelk zich de sterke band aan haren Dienaar gebonden gevoelt, welke ze dan ook niet dan noode ziet losgemaakt.

Dat daar vervolgens een deel gevonden wordt van minder diepe opvatting, welke den schijn van onverschilligheid niet altijd ontloopt, en in woord en daad uitsprekt, eenvoudig te berusten in de loop der dingen, zonder daar bij zelve een werkzaam aandeel hebben. Terwijl eindelijk rest een gedeelte die het niet verzwijgen, naar het vertrek van de Dienaar uit te zien, omdat de band die bestaat is geschokt en de hope op herstel schijnt vervlogen.'

De tsjerkerie sprekt út dat Spijk, dêr't krekt in fúzje ta stân kommen is tusken A (Ofskieding) en B (Doleânsje), hie it net better treffe kinnen.

Dêr komt by, dat de Spijkster gemeente ek better in dûmny as de Eastereinder in dûmny mei in húshâlding lykas dy fan Ds. Andree ûnderhâlde kin.

De tsjerkerie soe graach wolle dat dûmny bleau, mar komt ta de konklúzje, dat foar him en miskien foar de gemeente fan Easterein it better is, dat der werris in nije dûmny komt.

Ds. Andree nimt op snein 7 augustus 1904 ôfskie. Foar him, syn frou en 'dienstbode' wurde de attestaasjes oanfrege. Hast tolve jier, fan 4 desimber 1892 oant 7 augustus 1904 stie Ds. Andree yn Easterein.

Yn 1907 hat Ds. Andree de gemeente fan Spijk ferruile mei dy fan Schoonhoven en Willige-Langerak en gie yn 1918 nei Werkendam 1918. Dêrnei tsjinne er noch de gemeente fan Krabbendijke (yn Sêlân) fan 1925 oant 1932. Dêr waard syn frou siik en rekke se yn in rôlstoel. Se is yn 1927 ferstoarn.

By syn ôfskie fan de gemeente Krabbendijke, 30 septimber 1932, doe't er mei emeritaat gie, koe Ds. Andree net mear prate. Syn soan spruts it tankwurd foar him út. Ds. Andree ferstoar krekt op syn jierdei, 13 jannewaris 1934.

Yn ieren en sinen wie er dûmny.

Hy skriuwt ergens: 'Zeg ik te veel, als ik zeg, mij is hooger eereplaats toevertrouwd, dan den vorsten der aarde, die thans de wereld beroeren, en mij rijker zegen geschonken, dan hen, die de machtigste kapitalen ophoopen.'